



Nij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXXIII, nûmer 1

maitiid 2024

ISSN 2352-8958

Op besite by it haadkantoar
fan de ING
(13 febrewaris 2014)



<= besjoch it hjir op JoBuis (YouTube)





(1)



(2)



(3)



(4)

Byskriften:

- 1. Krånslizzing, mei Hans-Rudolf Mengers (foto: S.T. Hiemstra, sj. s. 6).
- 2. De Jongfryske delegaasje by de betinking (foto: S.T. Hiemstra, sj. s. 8).
- 3. Mei de East- en Westerlauwerske Fryske flaggen by de 'Hardwarder Friese' (foto: S.H. Brinkman, sj. s. 7).
- 4. Wolter Jetten (Jungfräiske Mäinskup), mei de East-Fryske flagge op 'e rêch (foto: S.T. Hiemstra, sj. s. 7).
- 5. Op it tinkplak by de lange, hege en swiere bunker Valentin (foto: S.H. Brinkman, sj. s. 8).
- 6. Rûnlieding yn en om de bunker (foto: Joeke van der Heide, sj. s. 9).



(5)



(6)

Ús eigen Taal (46)

Sytze T. Hiemstra

De slach by Hartwarden (1514): de ein fan de Fryske frijheid yn Bûtjadingen en Stadland



Boarne: Relevant part fan de 'Ynterfryske dikekaart' (1^{ste} printinge 2011, Ried fan de Fryske Beweging) mei **Raantsjerke** (Rodenkirchen/Roonkarken/Raantsjerke-Hartwarden, wat midden lofts oan de útgong fan de Wezer) en **Bremen** (rjochtsboppe oan de útgong fan de Wezer).

De slach by Hartwarden (1514): de ein fan de Fryske frijheid yn Bûtjadingen en Stadland

treurige part fan ús skiednis is net botte bekend yn ús eigen Mid-Fryslân (ek wol: Westerlauwersk Fryslân). Der stiet in wiidwei-

[it ferfolch begjint op s. 5]

Op snein, 19 jannewaris 2020 hat in lytse delegaasje fan de Jongfryske Mienskip in besite brocht oan de betinking fan de Slach by Hartwarden (1514), wêrby't de Friezen út Stadland en Bûtjadingen troch oarlochsgeweld harren frijheid ferlern hawwe.¹ Hartwarden is in buorskip ('Bauerschaft') by Rodenkirchen, in doarp yn de 'Gemeinde Stadland' ('gemeente') yn de 'Landkreis Wesermarsch' (in 'distrikt'). Dat



Sytze T. Hiemstra

¹ Klik ek op: https://de.wikipedia.org/wiki/Friesische_Freiheit: 'In der westlichen Wesermarsch wurde 1514 der Widerstand der **Butjadinger** und **Stadlander** Friesen in der **Schlacht an der Hartwarder Landwehr** durch **Graf Johann V. von Oldenburg** und die **welfischen** Herzöge **Heinrich den Älteren von Braunschweig**, **Heinrich den Mittleren von Lüneburg** und **Erich von Calenberg** gebrochen.'; en op: <https://nl.wikipedia.org/wiki/Stadland>.

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 juny 2024. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIJER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

Drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra en Ed Knotter. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

Dr. Arjen Dijkstra, drs. Piter Dykstra, dr. Jehannes Elzinga, Wolter Jetten, drs. Sytze T. Hiemstra, Hans-Rudolf Mengers, René Oterdoom, Jaap Slager en dr. Oebele Vries.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35 op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Jenny Douwes, Oane Dykstra (skathâlder), Sjoerd Groenhof, Jelle de Haan, Sander Hoekstra (foarsitter), Wolter Jetten en Elske Schoonbeek-de Jong (skriuwster).

Fan de redaksje

It giet mar dat it slydjaget mei de Jongfryske aksjefierders ûnder de ynspirearjende lieding fan Seye Herke Brinkman. Yn it simmernûmer fan *Nij Frisia* hat Seye Brinkman sels ferslach dien fan de aksje by it akademygebou fan de RUG foar in heechlearaar Frysk (s. 9-11). Yn it hjerstnûmer stie er striidber op in foto mei in buordsje mei de tekst *Praat mar Frysk* yn fjouwer Fryske talen by de betinking by Opstalsbeam op 30 maaie 2023 (s. 8). Yn it winternûmer hiene wy omtinken foar de earste *Ynternasjonale Fryslânde* yn Emden, dêr't wy meinoar mei it buske fan Seye hinne west hawwe (s. 26-28). De ta-spraak dy't Arjen Dijkstra dêr holden hat oer Tresoar en de Richthofenkolleksje, is yn dit nûmer opnommen.

It hâldt mar oan mei Seye Brinkman, want op 13 febrewaris wie er mei Joeke van der Heide en Wolter Jetten presint by it haadkantoar fan de ING om de bank en de rest fan de wrâld dúdlik te meitsjen dat wy it diskriminearjen fan ús memmetaal troch dy bank net akseptearje. Dat die bliken doe't de wyks dêrfoar Fedde Dykstra bekend makke dat ING-wurknimmers net mei klanten Frysk prate meie. Hja hawwe der ryklik de media mei helle en pronkje dêrom ek op ús foarside.

Sjoerd Groenhof hat út namme fan it bestjoer fan de *Jongfryske Mienskip* de bank der ek in brief oer skreaun. Dat brief is mei ûndertekene troch Gabor Landman fan de *Stichting European Language Rights* en Mirka Antolović-Tipuric fan *Tumba*. It brief is ek te lêzen op <https://jongfryskemienskip.frl/jongfryske-mienskip-freget-de-ing-om-har-diskriminearjende-taalbelied-te-wersjen/>.



Dit maitiidsnûmer iepenet mei in ferslach fan de betinking fan de *Slach by Hartwarden*, dêr't de hurde kearn fan Jongfriezen mei de bus fan Seye hinne tein wiene. Wolter Jetten hat in ynterview holden mei Gurbe van der Wal fan de metalband *Stoflik Omskot*. Soks hat er earder ek dien mei *Baldrs Draumar*. Dy binne dêrnei ferneamd wurden. Faaks kin *Stoflik Omskot* it-selde lot treffe.

Op de Opstalsbeam-betinking fan ferline jier komme wy ek werom mei it ôfprintsjen fan de rede fan Oebele Vries. Ferline jier 18 septimber 2023 wie it 700 jier lyn dat op oantrunen fan de Westerlauwerske Friezen it Opstalsbeambûn fernijd waard. Vries syn oprop dat de wier demokratyske geast fan de *Oerkerren* hjoed-de-dei in ynspiraasje wêze mei foar net allinne ús, Friezen, mar universeel, foar eltsenien, is ek myn djipste fieling.

Jaap Slager slút ús nûmer ôf mei diel twa en trije oer *Endemolsk*.

In soad lêsnocht tawinske.

By de foarside

Seye Brinkman, Joeke van der Heide en Wolter Jetten hingje de ING-flagge healstôk en twa Fryske flaggen yn top by it haadkantoar fan de ING yn Amsterdam (foto: Wolter Jetten). RTV NOF hat der melding fan makke en in ynterview is te sjen en te beharkjen op: <https://www.rtvnof.nl/video-seye-herke-brinkman-ing-gijt-net-sa-netsjes-mei-de-friezen-om/647670/>.



[ferfolch fan s. 3]

dich ferslach fan yn Nij Frisia (nû. 1, maitiid 2021, s. 19-22). Bestjoerslid Sander Hoekstra joech dêr op in oar plak yn dyselde Nij Frisia (s. 23-26) rju omtinken oan.²

It joech ús de kâns om dêre, oer de steatsgrins, kontakten mei minsken en organisaasje te lizzen en dat waard tige op priis steld. Alle reden om der in oar jier wer hinne, leafst mei in wat grutter selskip.

De betinkingsrede fan Hans-Rudolf Mengers fan de 'Rüstringer Heimatbund' yn syn eigen East-Fryske tongslach (spitigernôch ek wol as 'Platt' oantsjut) wie foar ús goed nei te kommen en hawwe wy ek yn dat nûmer ôfprinte.

Doe kaam de koroanogarre dertusken en moasten wy in skoft wachtsje. Yn 2024 koe it wer wurde. No mei in noch altiten te lytse delegaasje fan de *Jongfryske Mienskip* út Westerlauwersk Fryslân en ien fan de *Jungfräiske Mäinskup* út East-Fryslân (Niedersachsen/ Neddersassen/ Läächsaksen, Dsl.). Yn 2011 waard der oan de 'slach' ek al omtinken jûn op *It Nijs*.³

Snein, 21 jannewaris 2024, twadde tocht nei Rodenkirchen (Roonkarken / Raantsjerke) - Hartwarden

It paad bjuster ...

It is om krekt healwei sân en moarns as myn stalke Ed Knotter út 'e Sweach by my foar de doar yn Drachten stiet. Al betiid, sa hawwe wy ôfpraat, want om healwei achten sil Seye Herke Brinkman mei in lyts buske klearstean by syn hûs oan it Tillepaed yn Jistrum. Om krekt te wêzen yn de buorskip *Skûlenboarch*⁴ oan it Prinses Margrietkanaal. It is roettsjuster. Ed hat gjin Tom Tom, mar de kaart goed besjoen en tinkt dat it wol goed komme sil. Wy hawwe it ommers ryklik oan tiid.

No, nee dus. Al fier foar Jistrum reitsje wy it paad bjuster. Blykber dochs in ferkearde ôfslach nommen. En wer ien en wer en wer ... Wy krije it suver wat op 'e senuwen. Nearne is *Skûlenboarch* op de buordsjes te sjen en alle minsken lizze noch op bêd. Yn in doarpke skimeret dochs al wat ljocht yn in keamer en wy wurde kreas te wurd stien troch in Hollânskpratende ymport-Fries. Op har mobyl kin se ús it goede paad oanwize. Efkes letter reitsje wy dochs wer op 'e doele. Likernôch tweintich minuten oer sân en skillet Seye trije kear op myn mobyl, dy't ik oantúgd haw foar needsituaasjes, mar blykber te



**Sehr geehrte Damen und Herren,
liebe Heimatfreunde,**

Im Jahre 1514 endete mit den vergeblichen Kämpfen der Stadlander und Butjadinger Friesen die Unabhängigkeit ihrer Landesgemeinden. Der Rüstringer Heimatbund erinnert gemeinsam mit vielen Heimatfreunden an das tragische Geschehen der damaligen Zeit und gedenkt der vielen Opfer. 1914 ließ der Rüstringer Heimatbund in der Nähe der Hartwarder Landwehr ein Denkmal errichten. Hier versammeln wir uns alljährlich, um die Erinnerung an die Vorgänge von damals lebendig zu halten.

Einladung

**Sonntag, 21. Januar 2024, 10.00 Uhr,
Rodenkirchen - Hartwarden**

Sammeln beim Friesenheim

Fahnenaufstellung, Gang zum Denkmal,
Kranzniederlegung
Gedankworte:
Hans-Rudolf Mengers
Musikalische Umrahmung:
Fanfaren- und Spielmanszug Seefeld

Beisammensein im Friesenheim

Begrüßung und Moderation:
Rolf Blumenberg
Kurzvortrag von Meinhard Wefer:
„Kalte Winter in vergangenen Zeiten“
Informations- und Gedankenaustausch der Teilnehmer

Ende der Veranstaltung ca. 12.00 Uhr

Im Friesenheim wird ein Gedeck Kaffee/Tee
und Kleingebäck zum Preis von 5,00 € angeboten.

Nordenham, im Dezember 2023

Rüstringer Heimatbund e.V.

Útnûging foar de betinking fan de Slach by Hartwarden (1514) op 21 jannewaris 2024 te Rodenkirchen.

min mei oefene haw. It slagget my nei wat faaien en aaien net om ferbining te krijen. Ed kin my ek net fierder helpe en moat boppedat om alle bochten yn de fierste smelle dykjes tinke. Dochs mar op goed gelok op alderlei knopkes drukke en ja, dêr hear ik in sêft lûd ... Seye!

Wy fiele ús ferromme, de situaasje is dúdlik. Ik freegje Seye om op de mobyl te bliuwen. Troch syn oanwizings mei 'no lofts, no rjochts' by splitsings en noch mear

² Klik foar mear eftergrûnynformaasje op *Nij Frisia* (jrg. LXX, nû. 1, maitiid 2021, s. 19-26): http://ffu-fri.eu/PDF/210308-def.NF8-nijfrisia1-21compress_compr.-res.pdf.

³ Klik op *It Nijs* (02-01-2011): 'Betinking Slach by Hartwarden': <https://www.itnijs.frl/2011/01/betinking-slach-by-hartwarden/>.

⁴ *Skûlenboarch* is ûntstien by in herberch, in plak dêr't men *skûlje* koe. Yn 1664 waard it fermeld as *Schulenburg* en yn 1774 as *Schuylenburg*: [https://nl.wikipedia.org/wiki/Schuilenburg_\(Friesland\)](https://nl.wikipedia.org/wiki/Schuilenburg_(Friesland)).

splitsing sjogge wy nei tsien minuten in buordsje mei *Skûlenboarch*. En krije de frage oft wy de kofje yn it bekerke mei of sûnder molke en sûker hawwe wolle. Dat is foar ús dan gjin echt probleem mear!

Krekt om healwei achten stappe wy mei Joeke en Jan van der Heide (gjin famylje), de gleone kofje jitte yn 'e hân, by Seye yn it buske. Hy hat ús rêden ...

In koart ferslachje fan Jan van der Heide fan de dei
'Ik hie in útnûging krigen fan de *Jongfryske Mienskip* foar de betinking fan de slach by in monumint fan de 'Hartwarder Landwehr'. Dy slach fûn plak op 21 jannewaris 1514 by Rodenkirchen yn 't 'Stadland'. It monumint fan in anonime Hartwarder strider waard yn 1914 pleatst ta betinking fan 'e moedige striid fan 'e Bûtjadinger en Stadlanner Friezen tsjin de Âldeboarchske greven en Brunswykske foarsten. Spitigernôch waarden de Friezen ferslein en dat kaam foar it neist troch ferried.

Wy mei ús fiven derhinne. It begûn al goed! Wy wienen wat oan 'e lette kant, dat ús sjauffeur joech gas. Op in stuit waarden wy begelaat troch in plysje-auto. En ja, soks kostet in pear sinten. Lokkich kamen wy noch op 'e tiid. Dy lju dêre prate ornaris Platdútsk, in soarte fan Leechsaksysk mei in eigen East-Fryske tongslach, dat lykwols net troch eltsenien fan ús goed te folgjen wie. Wat my opfoel, wie de tekst op it stânbyld: **Lewer dod as Sklav.**

Nei de betinking wer op paad nei 't heitelân. Dochs hienen wy ûnderweis noch wat oars op 't programma stean: in besite oan it 'Denkort Bunker Valentin'. Dat stiet yn Bremen en waard yn 'e Twadde Wrâldoarloch boud. It wie doe de bedoeling om dêr in soarte fan 'rinnende bân' fan te meitsjen om safolle mooglik ûnderseeërs (U-Boote) tagelyk te bouwen. Dat hat in soad twangarbeiders it libben koste. Lokkich hat it fabryk nea funksjonearre, omdat foar't it klear wie, de oarloch ôfrûn wie.⁵

Taspraak fan Hans-Rudolf Mengers, foarsitter fan de 'Rüstringer Heimatbund'

Leve Heimatfrünnen,

ik freu mi, dat Ji all woller den Weg funnen häfft, to us Gedenken an dissen Sonndagmorgen. Dat is woller een groden Koppel Minschen, dat sünd use Heimatfrünnen, dat sünd all de, för de de Geschichte von dit Land lebennig bläven is, de disse Geschichte nicht bloot in



Krânslizzing, mei Hans-Rudolf Mengers, foarsitter fan de Rüstringer Heimatbund, oan it wurd (foto: S.T. Hiemstra).

eeren Kopp hefft un daröver wat weet. Hier sünd vandagen de Minschen, de dat, wat to us Heimat hört, ok in ehr Hart inslotten hefft. Un so begrüöt ik Jo, leve Heimatfrünnen, de Ji von wiet un siet kamen sünd, un roop Jo van Harten to: Willkamen hier in Hartwarnn!

Vandagen is för all Heimatfrünnen een ganz besunnern Dag. Vandagen gaht wi trügg mit use Gedanken, wiet in use Geschichte, wiet in verläden Tieden. 510 Jahr is dat nu her, dat hier dat grode Heer von de Fürsten stund, de alln toschand maken deen. Dusend un noch mehr von de Stad- un Butjarlanner Mannslüd sünd darbi fulln, hier an de Hartwarder Schanz un in de Langwarder Meide, Veeh wurd dar wegdräben un de Hüüs anstickt, 'dat dar nich een Svienkaben is stahn bläven'. Un se nähmen jem ok de Freeheit, dat, wat all de Freesen gemeinsam wär von Holland bit över de Weser henweg.

Dat Volk wär anne Grund, kunn sik nich wehren, kunn nix dargegen maken. De neen Herrn settden jem driest den Foot in'n Nacken. Man muss de Doden insammeln un begraben, man muss de Wunnen plägen un de Qualen linnern. Familie muss Familie helpen; Naber den Naber; de, de noch wat bläven wär, de, de allns verloorn harrn.

⁵ Dy middeis hat Jan van der Heide him by Wolter Jetten ek noch opjûn as nij lid fan de *Jongfryske Mienskip*: Wolkom yn ús ploech!



Mei de East- en Westerlauwerske Fryske flaggen by de 'Hardwarder Friese', Hans-Rudolf Mengers (midden, mei hoed) en rjochts fan him f.l.n.r.j.: Tido Specht, Onno Feldmann en Ed Knotter (foto: S.H. Brinkman).

Wat wär dat för een Elend darna, wat hätt dit Volk lieden musst, lange Jahren, bit an'n End von dat 16. Jahrhundert bätere Grafen dat Regeer harrn, de mehr för de Minschen över harrn. Dat hätt noch Jahrhunnerte düüert, bit dat toletzt de Stad- un Butjarlanners sik as Ollnborger föhlen kunnen. Un in all de Tied hätt man nich vergäten, wat dit Land, wat de Minschen hier läden häfft.

As vör 150 Jahr Düütschland een eenig Riek wurrd un Kron und Glanz hoch inn Tell wärn, dar wull man Teken hääben vör all dat, wat dat Volk in verläden Tieden mitmakt hätt. Tomeist wärn dat Denkmals för de groden Siege, för kloke Herrscher, för Feldherrn und Politiker, för all de, de Düütschland vöran brocht harrn. Un hier in dat Stad- un Butjarland? Hier besunn man sik up 1514. De noch junge RHB nähm dat um 1910 inne Hannen, toon 400. Jahresdag een Dankmal uptostelln. An 21. in Maimond 1914 wuurd dat Denkmal inweiht.

De Festredner, dat wär de Pastor Chemnitz ut Schweiborg, de verklarde de Lüd, warum man dit Denkmal boot hätt. För em wär dat nich bloot een Teken wäsen för dat Oole un den Unnergang, dat schull liekertied ok een Teken wäsen för dat Nee, för dat Wieterkamen un de wahre Freeheit. För disse Ideale, so meende Pastor Chemnitz damals, mööt man strieden, to alle Tieden.

Lewe Lüd, wi lävt upstunds in eene Tied, in de man daran erinnern mööt, wo man sik fragen mööt, wat sund den us Ideale, för wat mööt wi den strieden vandagen? Darto fund ik allerlezt eenen Artikel in de Zeitung unner dat Leit Demokratie zersetzt sich selbst.

Ne, dat wär kien Schwartmaleree, us Staat is noch nich ann End, aver et gifft Gefahren von binnen un von buten – Gefahren de man nicht översehn schall. Un ik frag mi, is dat all wedder sowiet? Mööt wi bang wäsen, dat use Ideale, de Demokratie un de Freeheit in Gefahr sund? Wi sund doch nich alleen, us Staat is stark un wi lävt doch in de EU, un de steit doch in för disse Ideale.

Aver wi weet ok, dat in wiede Deele van de Welt ganz annere Werte gelt. Wat dedüüt Freedren in Putin sien Russland? Wat tellt de Freeheit för de Minschen in China? Wat gelt de Minschenrechte in den Iran? Wat Krieg mit de Minschen makt, hört un seht wi siet twee Jahr in de Ukraine, un wat Terror anricht, dat belävt wi siet Wäken in Isreal, Palästina un in Gaza. All dat is wiet weg – kunn man meenen und doch häfft wi dar all Dage mit to doon.

Un wi is dat bi us? De Demokratie lävt von dat Strieden



Wolter Jetten (Jungfräiske Mäinskup), mei de East-Fryske flagge op 'e rêch (foto: S.T. Hiemstra).



F.l.n.r.j.: Ed Knottter (mei Fryske flagge), Jan van der Heide, Joeke van der Heide (mei Fryske sjaal) en Seye H. Brinkman (foto: S.T. Hiemstra).

um de Wahrheit un um den besten Weg to mehr Fortschritt. Dat Strieden, Diskuteern seggt wi dar ok woll to, dat hört dar mit to, wenn man den besten Weg finnen will. Aver darto hört ok de gegensietige Achtung, dat Inhooln von Regeln. Un dat vermiss ik väl to faken. Bi dat Strieden mööt dat um de Sak gahn un nicht darum, den annern to schaden oder fertig to maken. Wer glövt, siene Meenung is richtiger und wichtiger as all de annern un de mööt he dörsetten mit Gewalt, de richt damit Schaden an – toerst för Gesellschupp un tolezt ok för de Demokratie. Gewalt gegen Polizei, gegen Fűrwehr, Politiker und Richter? Gewalt gegen den Staat? Gewalt gegen de, de anner Meenung sund? Wo schall dat hen un wo hollt dat up?

Lang hefft de Minschen för Minschenrechte, Freeheit un Demokratie kämpft. Disse Werte stahnt vandagen in us Grundgesetz – un dat is good, sik daran immer woller to erinnern. Wi dröft dat all nich lichfartig up Spill setten, denn wi weet ok ut verläden Tieden, wie gau disse Werte in Gefahr kamen könt. Darum drövt wi nich up de hören, de vandagen de einfachen Lösungen parat häfft, de allns bäter weet, de us luut un schrill ehre Gedanken verklaren willt. Se wiest us nich den Weg in eene bätere Welt – se nich!

Läve Heimatfrünnen, wat wäsen is, lävt dör dat Erinnern und sülbiget starvt dör dat Vergäten. De Frees von Hartwarden erinnert us an de Minschen, de för dissen Placken Eer ehr Läven laten häfft. Avers he wiest us nich bloot den Weg torüüg. He schall us ok Teken wäsen, nun un in tokamen Tieden immer för all dat intostahn, wat us in us moderne Welt leev un wert is.

Denn dit Denkmal mööt stahn un blieven as een Teken för de Geschichte von us Höörn Land un as Mahnen för all Minschen, sik intosetten för dat Wieterkamen un Wassen un för Demokratie un wahre Freeheit.

Wi Heimatfrünnen weet, up wecke Siet wi stahnt un wat us Uppgav is. Daran laat us denken an dissen Dag, alltohoop, mit den Rüstinger Heimatbund un siene Frünnen.

Hans-Rudolf Mengers,

*foarsitter fan de 'Rüstinger Heimatbund'
Hartwarren/Hartwarden, 21-01-2024*

Gearsit yn restaurant 'Friesenheim' en nei 'Denkort Bunker Valentin'

Nei ôfrin kamen yn in folle seal fan 'Friesenheim' ûnderskate sprekkers fan besibbe 'Heimatbunde' oan it wurd om ferslach te dwaan fan harren krewearjen en te diskusjearen. Der waard ek der in tige nijsgjirrige foardracht holden troch Meinhard Wefer oer tige kälde winters yn oerälde tiden oant en mei dy fan de lêste jierren.

Yn de lêste alinea's fan syn rede wiisde Mengers ús op it grutte belang fan it 'Friesendenkmal' om jin yn te setten foar demokrasy en wiere frijheid en dat is hjoed-de-dei grif aktueller as dat it lang west hat. Dy warskôging waard ús de middeis fannijs foarholden by in rûnlieding by Denkmal Bunker Valentin yn Bremen-Farge oan 'e Wezer (justjes noard fan Bremen).

Op it tinkplak by de lange, hege en swiere bunker Valentin: f.l.n.r.j.: Ed Knottter, Joeke van der Heide, Sytze T. Hiemstra, Jan van der Heide en Seye H. Brinkman (foto: S.H. Brinkman).





Sicht op it troch bommen troffen ruïnepart fan bunker Valentin (foto: Joeke van der Heide).

De eardere ûnderseeboat-bunker 'Valentin' is op it stuit de op ien nei grutste boppegrûnske bunker fan Europa. It is it meast sichtbere oerbliuwsel fan trije grutte nasjonaal-sosjalistyske bewapeningsprojekten, dy't sûnt de midden fan 'e tritiger jierren in eardere lânboukrite folslein omfoarme hawwe. Sûnt jannewaris 2011 wurdt de bunker, foar it earst yn syn hast santichjierrige skiednis, brûkt foar sivile doelen. Fan 'Bunker Valentin' waard it in 'Denkort Bunker Valentin', in betinkingsplak. De besikers wurdt foarholden om aktyf en kriticysk om te gean mei

ferline, hjoed en takomst.

In 1,5 km lang paad bringt besikers om en troch de bunkers hinne, en dy komme by 25 plakken ('Stationen') lâns dy't mei foto's, tekenings en teksten wiidweidich ynformaasje jouwe oer de skiednis fan dat plak. Dy begjint mei in tinkteken ('Mahnmal') oer 'Vernichtung durch Arbeit', wurk dat sa'n 1600 twangarbeiders en gâns oaren it libben koste hat, en liedt troch de haadyngong nei in ynformaasjesintrum oan de súdkant fan de bunker.

Rûnlieding fan 1,5 km yn en om bunker mei 25 plakken om stil te stean by de grouwélige skiednis fan it kompleks en om it grutte belang fan wiere frijheid en echte demokrasy wer te fielen. Foaroan rjochts mei Fryske mûtse: Sytze T. Hiemstra (foto: Joeke van der Heide).



Libben neipetear op wei nei hûs yn weirestaurant 'In de Klaver', Niebert (f.l.n.r.): Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en Jan van der Heide; foto: S. H. Brinkman).

Tige de muoite wurdich om dêr ris hinne. Ien en oar hat grutte yndruk op ús makke (mei tank oan Joeke van der Heide foar it idee) en dat fannijs it grutte belang fan 'échte' frijheid ûnderstreket.⁶



En dan wer op hûs oan.

⁶ Foar mear ynformaasje oer it tinkplak fan bunker Valentin klik op:
https://en.wikipedia.org/wiki/Valentin_submarine_pens;
<https://www.denkort-bunker-valentin.de/sprachen/nederlands/>;
<https://nl.wikipedia.org/wiki/Bestand:Mahnmal-U-Boot-Bunker-Valentin-01.jpg>;
https://military-history.fandom.com/wiki/Valentin_submarine_pens.

Fraachpetear mei Gurbe van der Wal fan de band *Stoflik Omskot*

Wolter Jetten*



Stoflik Omskot yn liifdracht út earder tiid (foto: Gurbe van der Wal).

In skoft lyn krige ik fan it algoritme fan Spotify¹ de suggestje Stoflik Omskot. De kombinaasje fan Frysktalich, metal en provokatyf makke my nijsgjirrich! De bandnamme, CD-namme en lieten geane allegear oer de dea.

Der binne in pear Fryske formaasjes mei in ridlik grut berik. Tink mar oan *De Kast*, *Piter Wilkens* en *De Hûnekop*. Likegoed is de Frysktalige doelgroep in relatyf lytse doelgroep. Wa't dan ek noch metal sjongt, makket de doelgroep noch lytser. Fandatoangeande wie ik ferast troch it oantal harkers op Spotify, dat ein 2023 en begjin 2024 alle moannen boppe de fiifhûndert lei! Op Facebook seach ik konserten foar folle sealen. Om koart te kriemen: Fryske *metal* libbet! Reden genôch foar in fraachpetear mei de gitarist fan *Stoflik Omskot*, Gurbe van der Wal.

1. Earst efkes oer de band. Koenen de bandleden elkoar al of hat de muzyk jim by elkoar brocht?

Ik rûn al jierren mei it plan om wer ris in band te begjinnen, mei Peter hie ik it der al skoften oer. Dat begûn in jier as tsien ferlyn al. Troch allegear saken stelden wy it hieltyd út en wy kamen net fierder as der oer te praten. Oant wy op in Yahtzee-jûntsje (ja, folle mear metal wurdt it net ...) seinen fan 'wy moatte no mar ris trochpakke'. Wat ynstruminten oanbelanget hienen wy noch lang net alles foarelkoar, mar wy hawwe wol fuortendaliks in oefenromte boekt. Mei Arnold op 'e drums en Roland op 'e bas hienen wy daliks de hiele besetting klear. Ik haw thús ien nûmer makke ('Ûndjip grêf') en dêr binne wy mei begûn. Ik skriuw thús de measte *riffs* (ritmysk basispatroan) en teksten en yn it oefenhok puzelje wy de boel oanelkoar. Wy binne úteinsetten as freoneband, wy koenen elkoar allegear al. En wy hawwe elkoar de koppen noch net ynslein, dus sa lang as it goed

¹ *Spotify* is yn april 2006 oprjochte troch Daniel Ek en Martin Lorentzon. De namme is ûntstien út de twa wurden spot en identify. It bedriuw wol dêrmei sizze dat men in al lang fergetten nûmer wer weromhellet om derfan te genietsjen. Klik op: <https://nl.wikipedia.org/wiki/Spotify>.



Stoflik Omskot yn hjoeddeisk habyt (foto: Gurbe van der Wal).

giet, grieme wy mar moai troch. Wy hawwe der in protte wille mei en der binne dus blykber ek noch minsken dy't it moai fine wat wy dogge, dus gjin inkele reden om dermei op te hâlden, haha!

2. Wa bisto en wat betsjut *Stoflik Omskot* foar dy?

Ik bin dus Gurbe en gitaarspylje yn *Stoflik Omskot*. Yn it gewoane libben fertsjinje ik de kost as *reachtruck*-sjauffeur² by in ynternasjonale transportbedriuw. Yn myn frije tiid mei ik graach de natoer yn. Fierders bin ik grut leafhawwer fan spesjaalbier, whisky en lekker iten fan 'e barbekjû fansels. Ik spylje sûnt myn 16^{de} jier gitaar, mar ik bin beslist gjin grut talint. Les haw ik nea hân, haw alles wat ik kin mysels oanleard. Mar goed, 'leuk' hoecht gelokkich net altyd dreech te wêzen. Wat *Stoflik Omskot* foar my betsjut? Dêr kin ik maklik antwurd op jaan! It is myn nûmer ien hobby op dit stuit en dat bliuwt ek sa.

3. Jimme hawwe in hiele spesifike bandnamme. Jim *merchandise*³ en muzyk draait allegear om 'e dea. Hoe kamen jim op it idee om spesifyk oer de dea te sjongen?

Tsja, de basis fan ús muzyk is fansels *Death Metal*⁴ en binnen dy styl moat it fansels wat tsjuster en luguber. Mar wy binne der net sa serieuus mei dwaande hear, ik neam it sels altyd mar morbide humor. Want de dea stiet miskien wol sintraal yn ús muzyk, mar wol mei in fette knipeach. De dea is gewoan in hiel maklik tema

² In *reachtruck* is in soarte fan heftrúk mei in langere earm en is ek wat kompakter.

³ *Merchandise* en *merchandising* binne Ingelske wurden foar it kommersjeel brûken fan de populariteit fan in merk of fan bekende persoanen. Hjir dus foar it ferkeapjen fan promoasjemateriaal foar in band om mear omset te krijen en bekender te wurden.

⁴ *Death metal* is Ingelsk foar in ekstreme foarm fan *heavy metal* ('metalmuzyk') en midden yn de tachtiger jierren yn de Feriene Steaten ûntstien, mei benammen teksten oer dea en ferdjer, mei sterk ferfoarme gitaarlûden, djip gromjende sjongerij en mei duvelske en benearjende teksten. Klik ek op: <https://nl.wikipedia.org/wiki/Deathmetal> en https://nl.wikipedia.org/wiki/Heavy_metal.



Stoflik Omskot yn aksje (foto: Gurbe van der Wal).



Aant-Jelle Soepboer, de ûntfanger fan 'e gouden kneppel, mei keunstneresse Grethe-Marie

om lugubere, mar dochs ek humoristyske teksten oer te skriuwen. Fansels soenen wy ek oer saken as polityk en de maatskippij skriuwe kinne, mar dat past hielendal net by ús. It moat net te serieuus allegear, dat litte wy wol oan oare bands oer.

4. In pear titels fan jim CD *Harksankjes Fan De Dea* binne behoarlik provokatyf. Dan bedoel ik ûnder oaren *BBQ mei de buorfrou* en *nekroman-tyk*.⁵ Hawwe jim dêr al ris geëamel oer hân?

Net echt. De measte minsken dy't nei *metal* harkje, dy witte wol dat se it allegear mei in bigbag⁶ sâlt nimme moatte. Guon harkers fan de *Fryske Top 100* sille it wol hielendal neat fine, mar dat is yn it algemien dochs net ús doelgroep. En lit dy dan mar tinke dat wy net doge of siik yn 'e holle binne, wy witte sels wol better, haha!

5. Binne jim noch net útsongen oer de dea? Of kinne wy fan jim yn 'e takomst ek oare ûnderwerpen ferwachtsje?

Dat sil de takomst útwize! Wy hawwe no dochs al ien nûmer ('Goarre') dat neat mei de dea út te stean hat. Mar sa't ik al sei, it is in ferskriklik maklik tema om oer te skriuwen.

6. Wat wie it 'leukste' of bêst besochte optreden oant no ta?

Dat wienen se allegearre. Ôfrûne simmer stienen we op it *Stonehenge Festival*, dat wie foar ús in hiele grutte. Mar ek de lytsere hawwe harren sjarme. As ik kieze

moat tusken in grutte seal mei mar in pear minsken of in folle kroech, doch my dan it kroechje mar. Mar wy hawwe ek al ris foar in folle *Neusboorn* yn Ljouwert spile, dêr't it publyk hielendal út 'e plaat'⁷ gong, en dat is ek geweldich fansels!

7. Op jim Facebookside seach ik dat jim ek bûten Fryslân spylje. Hoe reagearje de minsken dêr op Frysksdalige metal?

Och, se fersteane der dochs gjin sek fan, haha, mar goed, dêr is it de muzyk ek net foar. As der hjirre bands út Noarwegen of

Sweden spylje dy't yn harren memmetaal sjonge, dan is dat dochs ek net te ferstean? Likegoed binne Ingelsktalige death metal bands *live*⁸ ek amper te ferstean. Live giet it dochs mear oer de belibbing, sis mar. De teksten sizze dan dochs net safolle.

8. Jimme ferkeapje in ferskaat oan t-shirts, patches⁹ en stickers. Dêrneist ferkeapet de band minder gebrûklike saken lykas it 'kadaverplankje' (houten snijplankje). Dêrom de fraach: hoe giet it mei de *merchandise*?

Dat rint as in stoomtrein. Wy stienen der sels fan te sjen hoefolle shirts oft wy al ferkocht hienen sûnder dat wy al *live* spile hienen. En by de optredens rint it ek noch

⁵ *Nekro* komt fan it Grykske 'nekros': *lyk*.

⁶ *Big bag* is Ingelsk foar in 'grutte sek'; klik ek op: https://nl.wikipedia.org/wiki/Big_bag.

⁷ *Út 'e plaat gaan* is in hollanisme foar 'út 'e skroeven reitsje', dus tige optein wêze. Klik op: <https://www.ensie.nl/betekenis/uit-zijn-plaat-gaan>.



hieltid lekker troch. Mûtsen en *patches* binne alwer útferkocht op it stuit, mar der sitte no truien oan te kommen. Wat de kadaverplankjes oangiet, je moatte sa no en dan ris wat apart hawwe, en dat wie in skot yn 'e roas blykber, dy dingen fleane de doar út. De stikers binne gratis, sa no en dan dûke der prachtige foto's op fan wêr't se plakt binne. Trijelannepunt, fearboaten yn Skotlân, KLM-flean-tugen, midden yn Suriname, kinst it sa gek net be-tinke.

9. Wurkje jimme ek gear mei oare Fryske bands en festivals?

Ús drummer Arnold sit yn 'e organisaasje fan it *Keiburd Festival* dêr't wy yn septimber ek spile hawwe, mar fierder hawwe wy net echt gearwurkingen. Wol hawwe wy fansels al ferskillende kearen mei oare Fryske bands spile, lykas *Deadspeak*, *Bladecrusher*, *Atmoran* en *Bildtstar* om der mar in pear te neamen, mar dat is meastal ge-woan tafal.

10. Jim hienen de ôfrûne tiid mear as 500 harkers yn 'e moanne op Spotify. Foar in provokative Fryske metalband binne dat relatyf hege oantallen. Wêr komme al dy minsken wei?

Dat byld is wat fertekene, want meastal sitte we sa om de 200 harkers hinne, wat ek al bêst heech is, mar nei de *Fryske Top 100* skeat it oantal efkes flink omheech. Lykwols wurde wy net allinnich yn Fryslân beharre. Suer nuver, mar neffens ús 'Spotify Artist Account', dy't ús sjonger Peter beheart, wurde wy yn Nederlân it meast beharre yn 'e Rânestêd. Fierders wienen wy it ôfrûne jier yn 32 lannen te hearren.

11. Wêr sille jimme de kommende tiid spylje?

Yn maart sille we foar de twadde kear nei Dútslân ta, dêr sille we op it *Grafschafter Metalfest* spylje mei ûnder oaren *Lik*, *Knife*, *Fleshless*, *Necrotique* en *Gravestone*. Dan hawwe we yn april ek wer in hiele moaie, dan iepenje we yn it *Bolwerk* yn Snits foar *Asphyx* en *Graceless*. *Asphyx* is sa'n bytsje de âldste death metal band út ús lân, dat meie wy wol in monumint neame, en ek *Graceless* draait as in trein. Dat wurdt wol folle bak, tinke wy. En juny steane wy op it festival *Bumarock* yn Eanjum, ek wer moai yn 'e buert dus. Fierder spylje der noch wol wat dinkjes, mar noch neat definityfs. Mar der komme noch wol in pear by, dêr sitte wy net oer yn.

12. Hoe sjocht de fierdere takomst fan Stoflik



Omskot derút? Kinne wy op nije muzyk rekken-je? Miskien in nij album?

Wis, op it stuit hawwe wy 5 of 6 nûmers klear. Der moatte in pear by en dan wolle wy wer opnimme. Wy wolle eins dat fan 't jier de nije plaat klear is. Ek omdat wy ein fan dit jier besykje wolle om mei in nij nûmer yn 'e Fryske Top 100 te kommen. Der binne ek foarsichtige plannen foar in fideoklip.¹⁰

Gurbe, tige tank! De band *Stoflik Omskot* is op Spotify en YouTube¹¹ te beharkjen, en fansels ek live! Op de *Facebook*-fanside fan *Stoflik Omskot* wurde de nije data foar optredens bekend makke.

* *Wolter Jetten (1984) wennet yn Timmel, in doarp yn East-Fryslân (Ostfriesland/ Oostfreesland/ Aastfräisland/ Östfräisland, Dsl.), en is bestjoerslid fan de Jongfryske Mienskip (Frl.) en de Jungfräiske Mäinskup (Östfräisland, Dsl.). De redaksje hat in stikmannich fer-dúdljikjende noaten tabeakke.*

⁸ *Live* is in Ingelsk eigenskipswurd foar in útfiering en útstjoering op it plak sels (dus net mei in opname).

⁹ In *patch* is Ingelsk foar in lapke stof, in stikkene broek, sok of oare klean (tekstyl). Klik op: <https://www.pro-merchandise.nl/nieuws/emblemen-patches-badges-of-insignes-whats-in-a-name.html> en <https://www.megamooi.nl/blogs/megamooi/wat-is-eeen-patch>.

¹⁰ In *fideoklip* (Ing.: *videoclip*) is in promoasjefilmke op muzyk. Klik op: <https://nl.wikipedia.org/wiki/Videoclip>.

¹¹ *YouTube* is in webside dêr't eltsenien koarte fideofilmkes op sette kin en ek gratis besjen. *YouTube* is yn 2005 ûntwikkele yn in garaazje oan de Amerikaanske westkust en eigendom fan *Google*. Gauris binne it filmkes mei wûnderlike en komyske situaasjes. Klik op: <https://nl.wikipedia.org/wiki/YouTube>.

Dûbelde Fryske paradoks



De Fryske paradoks lykas dy definiearre wurdt troch it Frysk Sosjaal Planburo hâldt yn dat Friezen gemiddeld lokkiger binne as oare Nederlanners wylst se ekonomysk sjoen earmer binne. No lies ik koartlyn yn dizze krante dat binnen Nederlân it tal selsdeadingen relatyf nearne sa heech is as yn Fryslân (8 septimber). Dat heart nochal tsjinstridich: oan de iene kant binne Friezen lokkiger as oare Nederlanners, mar oan de oare kant meitsje se earder in ein oan harren libben.

Ik lei dat dilemma okkerdeis foar oan direkteur Karen van Oudenhoven fan it SCP (Sociaal en Cultureel Planbureau) nei ôfrin fan har lêzing by de iepening fan it Akademysk Jier troch de Frjentsjerter Akademy yn de Martinitsjerke. Foar har wie dat nij, mar se fûn it punt nijsgjirrich genôch om fierder te ûndersykjen. Dus, we bliuwe benijd.¹

Jehannes Elzinga, Frjentsjer

¹ Dr. Jehannes Elzinga wie jierrenlang tige warber foar it Frysk yn de *Feriening Frysk ûnderwiis* (FFU), de *Ried fan de Fryske Beweging* en oare besibbe organisaasjes (foto: Jeh. Elzinga). Dit stikje kaam ek yn *It Nij*s op 23 septimber 2023 (link: <https://www.itnij.s.frl/?s=D%C3%BBelde+Fryske+paradoks>) en boppedat yn de *Ljouwerter Krante* fan 23 sept. 2023, s. 18 (foto: Jeh. Elzinga).



Haikûs yn it Frysk (2)

In haikû is in fan oarsprong Japanske dichtfoarm fan trije rymleaze rigels dy't út 5, 7 en 5 wurdliden besteane, dêr't in yntins belibjen fan 'e natuer yn útdrukt wurdt.

Boarne: Henk Veenstra (1938; wenplak Drachten): www.fanfanfryslan.nl.

LXXIII-1-14

14 podium

LEEWARDER COURANT maandag 22 januari 2024, p. 14

TE GAST



'Elk begrypt dat foar eigen taal spesjaal belied nedich is.' FOTO: NIELS WESTRA

Autonomy of status aparte foar it Frysk?

De tradisjonele mienskip stiet ûnder druk troch de mondialisearring fan de ekonomy en kultuer. Sadwaande binne naasje-steaten hieltyd minder fan belang. De flugge stêdlike ûntwikkeling soarget dêrfoar dat de sosjale ferbannen losser wurde.

De liberalen sjogge dy ûntjouwing as in befrijing fan it yndividu, de kommunitaristen dêrfoar oer miene dat dit de sosjale koheezje ûnderstek docht.

Sa ûntstie der yn de njoggentiger jierren fan de foarige iuw in diskusje tusken liberalen en kommunitaristen oer wat de bêste maatskippij-opfetting wie.

Yn it liberalisme stiet it yndividu foarop. Der besteane formele relaasjes tusken rjochtsersoanen, los fan eigenheid, kultuer of ôfkomst. De yndividuele rjochten wurde beskerme troch de oerheid. Yn 'e liberale maatskippij besteane neist elkoar ferskillende opfettingen fan it goede libben, de steat is hjiryn neutraal.

It Frysk is yn De Haach in fuotnoat

De kommunitaristen geane út fan de mienskip, wat sizze wol in hechte mienskip mei nauwe bannen tusken de minsken yn dy mienskip. De leden fan de mienskip hawwe itselde byld fan it goede libben, dat is in libben yn de besteande tradysje mei de dêryn jildende noarmen en wearde. As in homo libbet yn in mienskip dêr't lhbtiq+ in taboe yn is, dan moat hy as hy himsels as homo realisearje wol, út dy mienskip stappe. Dat is in fierste hege priis.

Dêrfoar oer hawwe de liberalen gjin goed ferhaal oer hoe't omgien wurde moat mei (nasjonale) minderheden. Fansels is in partij fan yndividuele rjochten tsjin groepsrjochten. Freegje

om autonomy hat as neidiel dat de minsken dy term assosjearje mei in selsstannige steat en dat ropt wjerstân op. De Jongfryske mienskip kaam okkerdeis mei de term 'status aparte'. Dy term soe goed brûkt wurde kinne om't elk begrypt dat foar in eigen taal spesjaal belied nedich is. Boppedat jout de term yngong yn it Haachske politike tinken, yn ferbân mei de status aparte fan Aruba.

Jierren lyn utere ik my negatyf oer de ferdjerlike mienskip. In goefries wie fan miening, dat der yn Fryslân sokke mienskippen net binne. Der binne fansels mei de iepenloftspullen prachtige foarbylden fan Fryske kultuer en mienskipssin. Mar ik ried de minsken dy't sa posityf tinke oer de Fryske mienskip oan om de roman *Piksjitten op Snyp* fan Josse de Haan te lêzen om te sjen hoe ferdjerlik in Fryske mienskip wêze kin.

Fryske nasjonalisten moatte de Hollanners net earst en foaral as fijannen sjen. It Frysk is yn De Haach in fuotnoat by de lanlike polityk. Der wie sels in minister dy't net iens wist dat hja it Frysk yn 'e portefúlje hie. Der spylje ek oare meganismen.

Der wie in rykskommisje, dy't kedize moast oer in beheinde foarm fan ûnderwiisautonomy yn Fryslân. In heechlearaar út Tilburg wie foar, twa leden fan it ministearje fan ûnderwiis wiene tsjin. Dat lêste wie te begripen, want grutte organisaasjes as it ministearje hawwe ynherint oanstriid om mear foech nei har ta te lûken en om net te krimpen. Dat binne refleksen dêr't fierder net oer neitocht wurdt.

Yn sa'n gefal berikke je neat mei it skriuwen fan brieven, mar moatte je de publike opiny mobilisearje.

PIER BOORSMA
Dichter en filosoof
Grins

East-Fryslân en Sealterlân – in reisferslach (I)

René Oterdoom*



Understeand reisferslach is it foarste part fan in ûntdekkingsreis dy't ûnderwilens al in pear jier yn beslach nimt, en as it oan my leit ek noch lang net foarby is. It idee foar dy foarm is ûntstien by de kolleezjes Skiednis fan Fryslân fan dosinte Babs Gezelle Meerburg, yn it kolleezjejier 2022-2023 fan de Ryksuniversiteit Grins. Ik haw dy lessen mei in hiel soad nocht en wille folge. Oan sa'n kolleezjerige is in einopracht ferbûn, want der wurdt fansels wol ferwachte dat men as studint wat taastbers en leafst ek noch fan wat kwaliteit ôfleveret om in sifer en stúdzjepunten krije te kinnen. Dat mocht by

East-Fryslân (Ostfreesland; Leechsaksysk: Oostfreesland; Sealterfrysk: Aastfrâislound), part fan in kaart fan Grut-Fryslân makke troch drs. Kerst Huisman foar en by it boek *De Fryslannen* (Ljouwert: Fryske Rie/Afûk, 2008).

1 De (ynter)-Fryske topografyske nammen komme benammen fan in kaart fan Grut-Fryslân fan drs. Kerst Huisman by it boek *De Fryslannen* (Ljouwert: Fryske Rie/Afûk, 2008). De foto's binne troch drs. Sytze T. Hiemstra fan it ynternet (Google) helle en dy hat ek de byskriften en noaten tafoege.



René Oterdoom (foto: René Oterdoom).



Frijdom is de heechste wet en dêr moat it wer hinne ...



Dûbeldtalich komboerd fan Schäddel (Scharrel, gemeente Saterland, distrikt Cloppenburg).

dat fak yn de meast útinoarrinnende foarmen oplevere wurde. De suggestje foar it reisferslach waard my min ofte mear oanrikt troch de dosinte sels, mei basearre op myn foarleafde foar it motorriden en myn nijsgjirrigens nei de oare Fryslannen bûten ús eigen provinsje, te witten East-Fryslân (Ostfreesland), Sealterlân (Sealterlound) en Noard-Fryslân (Nordfriislon). Se stelde foar om in motorreis nei Noard-Fryslân te meitsjen, nei de bibleteek fan de Ferring Stiftung op it eilân Feer (Föhr), dêr't grif wol wat oer de skiednis fan Noard-Fryslân te finen wêze soe. My tocht dat soks yndie it gefal wie, want dy bibleteek is eins in folslein kultureel sintrum. Dat is in tip dy't ik ûnthâlde sil. Ik bin der tige nijsgjirrich nei en sil der grif útfiering oan jaan, mar fanwegen faktoaren dy't ynfloed hawwe op myn bûsboekje, wie it binnen dizze kolleezjerige noch efkes gjin helbere kaart.¹

Om dy reden is it plan ûntstien om wat ferlykbers te dwaan, mar dan wat tichter by hûs – en sa haw ik op freed 19 maaie 2023 op 'en paad west troch Sealterlân en East-Fryslân, om wat kultuer op te snuven, taalkennis op te dwaan en nijsgjirrichheden te besjen. Myn gids dêrby wie Wolter Jetten, dy't yn East-Fryslân wennet en graach ree wie om dêroan mei te wurkjen. Wolter is kollega-militêr, dosint en bestjoerslid fan de *Jongfryske Mienskip* en ek skriuwer fan in suksesfolle kursus *Sealterfrysk*, dêr't er alris de krante mei helle hie. Ik hie Wolter foar it earst moete op de (fanwegen de covid-maatregels) ûnoffisjele betinking yn 2021 fan de Slach by Warns op it Reaklif. Op 'e rûte nei syn hûs ta kaam ik op Autobahn 31 in oansprekkende fariant tsjin fan de bekende brúnwite buorden: *Ostfriesland – Friesische Freiheit*.

Reisprogramma

Op it programma foar dy dei stiene *Sealterlân*, de histoaryske binnenstêd fan *Lier* (Leer), it eardere kleaster *Ihlow* en de *Opstalsbeam*. Wolter naam noch in steapeltsje boeken oer relevante ûnderwerpen mei yn 'e auto. Underweis nei *Schäddel* (Scharrel) yn Sealterlân rieden wy oer it rivierke de *Leda*, yn mear opsichten in grins, en dy grinzen binne 'hurd': wat it leauwe oanbelanget tusken protestanten en katoliken, in taalgrins tusken it East-Frysk en it Sealterfrysk en in 'Landkreis'-grins tusken Landkreis Leer en Landkreis Cloppenburg. Sealterlân is gjin part fan East-Fryslân, mar leit dêr krekt súdlik fan.

Sealterlân

Yn tsjinstelling ta de lânstreek is de gemeente *Sealterlân* sels noch hielendal net sa âld. Dy is yn 1974 ûntstien troch in fúzje fan fjouwer lytsere gemeenten, feitlik de



It Sealterfräiske Kulturhuus yn Schäddel.

fjouwer doarpen dy't yn Sealterlân lizze. Dy doarpen sels hawwe relatyf sjoen in soad nijbou. De streek wie yn it ferline tige earm en – as sânreûch yn in min tagonklik feangebiet – ek nochris isolearre. Dêrtroch koene it Sealtersk en it roomsk-katolike leauwe harren sa lang goed hanthavenje. De situaasje oant omtrint 1900 is te ferlykjen mei dy by ús op De Harkema of Nij Beets: in soad minsken hienen doe wenten dy't net boppe it nivo fan in spitkeet útkamen. Dêr is op in stuit ek in ein oan kaam.

Schäddel

Yn *Schäddel* (Scharrel) wie de doar fan 'e roomsk Petrus- en Paulustsjerke iepen – Sealterlân is hast hielendal katolyk – dus rûnen wy der efkes yn. De tsjerke stammet út de twadde helte fan de 19^{de} iuw en is in sprekend foarbyld fan de neogotyk sa't dy doedestiids ek yn Nederlân yn 'e swang wie. Der wie krekt in frou dwaande mei it dweiljen fan de flier. Wolter stelde ús oan har foar en begûn in praatsje en sa waard ik tsjûge fan in spontane demonstraasje fan it Sealtersk. Ik ferstie net alles, mar koe it petear wol aardich folgje. Se fertelde



Sint-Petrus- en Paulustsjerke yn Schäddel (1860).



Roomelse (Ramsloh, gemeente Saterland, distrikt Cloppenburg).

bygelyks oer har beppe, dy't har net ferstie omdat sysels Heechdútsk spriek en beppe Sealtersk. Ek fertelde se dat de doarpen troch de ynfloeden fan bûtenôf ûnderling in folle bettere bân mei-inoar hawwe as foarhinne it gefal wie, doe't de Sealterfriezen út de ûnderskate doarpen inoar noch mei de nekke oanseagen.

Begjin jierren '90 stie it Sealtersk noch yn it Guinness Book of Records as 'lytste taal fan Europa'; der soenen doe noch sa'n 1500 oant 2500 sprekkers wêze, mar Wolter tinkt dat dit noch oan de hege kant is en dat it werklike oantal folle leger leit. Hy fertelde ek dat as men in Sealterskprater is fan Heechdútsksprekkers in reaksje krije kin as 'Ach, wie süß ...' yn 'e sin fan begrutsjen, as wie men net goed wiis en efterlik. Se hawwe gjin idee ...



Wapen fan de eardere gemeente Scharrel mei in keningsfiguer, Karolus Rex, sûnt 1974 in doarp yn Sealterlân (Saterland, Landkreis Cloppenburg, Niedersachsen).

Neist de tsjerke stiet de basisskoalle, mei Sealterske opschriften. By sawol de tsjerke as de skoalle steane dûbeldtalige ynformaasjeboordsjes yn it Heechdútsk en Sealtersk. In eintsje fierderop yn Schäddele stiet it *Kulturhuus*, dat fêstige is yn in earder treinstasjon. Dêr binne ek in bibleteek en de Sealterfryske radiostjoerder yn ûnderbrocht. Spitigernôch wie it dy deis net iepen.

Njonken it Kulturhuus stiet in hege maaibeam en in ynformaasjeboerd mei útlis dêroer. In eintsje fierderop hie immen in grut boerd mei de plattegrûn fan de gemeente yn de kleuren fan de Sealterlânske flagge op syn hûs skroefd, mei dêrop de doarpen en de Sealterlânske Ie, as in soarte fan muorreskildering. Men sjocht dêr navenant ek in soad flaggen en de lju toane ek it wapen yn d' ien of oare foarm: de Sealterfriezen lykje op syn minst sa grutsk te wêzen as de Westerlauwerske.

Roomelse

Yn *Roomelse* (Ramsloh) stiet it gemeentehûs en in kultuersintrum, dêr't Wolter ek lesjout. It is lykas in soad bouwurken yn Sealterlân nijbou. It âldste gebou fan Sealterlân stie ek op it programma: de Johanniterkapel yn *Boukeläsk*. Dat is yn de 16^{de} iuw de Reformaasje net skeind trochkommen; de kleasters en tsjerken waarden doe ferwoastge, mar dizze iene kapel bleau sparre, neffens it ynformaasjeboerd omdat dy ta it grûngebiet fan de biskop fan Múnster hearde. De foarm is bekend: itselde wat wy by ús ek yn Jannum en Wetsens sjen kinne, boud mei âldfriezen. Yn it alter is in byltenis ynmitsele fan in lettere biskop fan Múnster, de sillich



Johanniterkapel Boukeläsk (Bokelesch).

ferklearre kardinaal Clemens August von Galen (1878-1946) – in neikommeling fan in broer fan in eardere biskop fan Münster dy't by ús bekend wurden is as 'Bommen Bearend'. Kardinaal Von Galen hie him yn it nazi-tiidrek iepentlik tsjin it hearskjende rezjym ferset en wie ien fan de pear minsken dy't dat neifertelle koenen.

Neist de kapel leit de pastorij, dêr't ek in besikerssintrum yn ûnderbrocht is dat ynformaasje jout oer de skiednis fan de Johanniteroarder yn it noardlike kustgebiet. En dêr stiet ek wer in dûbeldtalich ynformaasjeboerd yn it Heechdútsk en it Sealterfrysk en ien oer it eardere kleaster yn it Heechdútsk en Hollânsk.

Oant safier it foarste part fan myn reisferslach. It twadde en lêste komt yn de kommende *Nij Frisia*.

* René Oterdoom (*Ikkerwâld, 1969*) is sûnt de ûnoffisjele betinking fan de Slach by Warns (2021) lid fan de JFM. Yn it deistich libben wurket er as militêr. Dêrneist studearret er Algiemiene Kultuerwittenskippen oan de Iepen Universiteit en folge yn 2023 boppedat lessen oer de 'Skiednis fan Fryslân' yn Grins en oan de 'Old Frisian Summer School' yn Oxford. Hy mei graach motorride en muzyk meitsje.



Boarne: NRC, woansdei 24-01-2024, *Opinie*, s. 17: 'Hollânsk folget gau'. Foar it neist it earste Frysktalich ynstjoerd stikje yn de NRC?

Gearkomste by de Opstalsbeam op 30 maaie 2023 te Rahe (by Au[w]erk/Aurich, East-Fryslân, Dsl.): taspraak fan dr. Oebele Vries



Dr. Oebele Vries by de Opstalsbeam oan it wurd oer de Fryske frijheid yn de Midsiuwen (foto: Sytze T. Hiemstra, 30 maaie 2023).

Oan de betinking by de Opstalsbeam (by Au(w)erk, East-Fryslân, Dsl.) yn 2023 is omtinken jûn yn Nij Frisia (nû. 3 en 4, 2023).¹ Dat jildt ek foar de taspraak dêre fan ús kommissaris fan de Kening, drs. A.A.M Brok (Nij Frisia, hjerst, nû. 3) û.o. oer in 'mooglike ynter-Fryske gearwurking'. Yn nû. 4 (winter, 2023) fan dat tydskrift giet it oer de needsaak om foar de trije Fryslannen in ynter-Frysk kultuerparlemint op te rjochtsjen, dat ik de namme Opstalsbeamparlemint jûn haw.

Dr. Oebele Vries* is tige saakkundich op it mêd fan de Âldfryske wetten en regels en hat dêr in rede holden oer de gearwurking tusken de Fryslannen yn de Midsiuwen op it mêd fan de striid foar de Fryske frijheid, mei as tema '700 Jahre Upstalsboom-Gesetze'. Dêrom komt benammen it jier 1323 sintraal te stean. Vries hold syn taspraak yn it Dútsk, mar dy is foar Nij Frisia oersetten yn ús Westerlauwersk Frysk troch Sytze T. Hiemstra en dy hat ek de noaten taheakke.² Dr. Vries syn tappraak folget hjirûnder.

Taspraak fan dr. Oebele Vries

Bêste minsken, leve Lüüd,

It jier 1323

'In Ostfreesland is't am besten' (yn East-Fryslân is it it bêste).³ Dêr twivelje ik gjin momint oan. Dochs sil ik jimme earst nei Flaanderen meinimme. Wêrom? Want yn 1323, it jier dêr't wy hjoed mei te krijen hawwe, wie der in folksopstân tsjin de soevereine lânshear, de greve fan Flaanderen. In opstân dy't gauris oantsjut wurdt as in boere-opstân.⁴ De oanlieding foar dy opstân, dy't net earder as nei fiif jier ûnderdrukt waard, binne ûnder oare: de wegering fan de boeren om de belesting oan de greve te beteljen en ek de haat tsjin de adel.

As de Flaamske rebellen weet hân hiene fan de omstanichheden yn Fryslân doedestiids, dan hiene se Fryslân

¹ Sjoch: Nij Frisia, nû. 3, 2023: Sytze T. Hiemstra, yn: *Ús eigen Taal* (44), 'Kronyk fan in Klacht (IV)', s. 5-9: <http://ffu-frl.eu/PDF/230913.def.NF-3-2%202.22.MBcompressed.pdf> en *Ús eigen Taal* (45), Nij Frisia, nû. 4, 2023: 'In Opstalsbeamparlemint foar de trije Fryslannen is needsaaklik, mar freget mear stipe en aksje', s. 3, 5-8.

² Dr. Oebele Vries syn taspraak is yn it Dútsk oan te klikken op: <http://www.frees.land/Beitraege/>. *Friesisches Forum* hie Vries frege om in taspraak oer dat tema te hâlden en dêrom stiet it jier 1323 sintraal. Mei tank oan Vries foar inkelde ferbetterings fan en oanfullings op myn Fryske oersetting (e-post fan 18 nov. 2023).


³ It is de earste rigel fan it East-Frysk folksliet.

foar it neist wol sjoen as in dreamlân. In lân – of leaver in ferskaat oan selsbestjoerende saneamde *lânsgemeenten*⁵ – in lân sûnder greven, dus sûnder lânshearen, ek sûnder feodale adel en, faaks wol it oantreklikste, suver sûnder belestingen. Want it Fryslân fan it begjin fan de 14^{de} iuw wie by útstek it lân fan de frijheid, it lân fan de Fryske frijheid. Mar der binne gjin dreamlannen. Ek yn it frije Fryslân, it midsiuwske *‘land of the free’*, wiene de omstannichheden net idyllysk. Nammers, dat *‘land of the free’* is, lykas bekend in oanhaal út it folksliet fan ‘e Feriene Steaten, dus it moderne ‘lân fan de frijen’. Der wiene dus gjin idyllyske omstannichheden yn it frije Fryslân, om’t de Fryske frijheid hieltyd fan bûten bedrige waard, mar – en dat is foar dyjingen ûnder ús dy’t de Fryske frijheid graach idealisearje meie – mooglik nochal pynlik, ek fan binnen. Fan bûten ôf bedrige troch lânshearen as buorlju, lykas de greven fan Âldeboarch (Oldenburg/Ooldenbuurich) en Hollân of de biskoppen fan Munster/Münster en Utert, foar wa’t it ûntbrekken fan in ‘hear’ yn de Fryske lannen ôfgriis oprôp en as in ‘ôfwiking’, in anomaly, sjoen waard, en fan binnen út troch ‘feten’, skelen dy’t ferskate kearen de Fryske lânsgemeenten teisteren en dy’t it libben fan de frije Friezen op it spul setten.

Ûnder dy omstannichheden waard yn 1323, it jier fan ‘e Flaamske boereopstân, it âlde earbiedwaardige bûn fan de *Opstalsbeam* net op ‘en nij stifte, mar earder wer ta nij libben brocht, nei’t dat bûn trijekwart iuw earder, om 1250 hinne, jammerdearlik útinoar fallen wie.

Oerkerren

Wat witte wy eins fan dat âldere, úteinlik mislearre Opstalsbeambûn? Wy witte dat der hjir op ‘e Opstalsbeambichte yn ‘e earste helte fan ‘e 13^{de} iuw en faaks noch langer gearkomsten west hawwe fan rjochters, de saneamde Opstalsbeamrjochters, en nei alle wierskyn ek fan oare frije Friezen út de Fryske Seelannen. Wy binne bekend mei de tekst fan de saneamde *Oerkerren* (Âfr.: *urkeran*)⁶, dêr’t út bliken docht dat de gearkomsten by de Opstalsbeam ien kear yn it jier plakfûn hawwe, op de tiisdeis nei de Pinkster, en dat doe mienskiplike rjochten fêstlein binne. De *Oerkerren* bewize fierders (twadde oerkêst) dat de Seelannen – tige wichtich! – inoarren bystean moasten, nammentlik tsjin de súdlike ridders – dat is nei alle wierskyn in poëtyske term foar har buorlju, de lânshearen mei harren adellik gefolch – en sels tsjin de Wytsingen, dy’t al lang net mear yn Fryslân west hiene. Neffens it tredde oerkêst hiene de Seelannen ek ôfpraat om rjocht en oarder te hanthavenjen yn in Seelân dêr’t anargy drige.



Oebele Vries: *Asega is het Dingtijd?* (2007).

Wêr’t wy net wis fan binne, is oft alle sân Seelânen meidien hawwe oan dat âldere Opstalsbeambûn. De sân Seelannen leine fan it no net mear besteande rivierke de Rekere by Alkmaar yn it westen oant de Elbe/Elve yn it easten. Ik sil hjir net alle Seelannen op it aljemint bringe, mar neame dat it earste Seelân fertsjintwurdige waard troch it noardlike part fan de hjoeddeiske Nederlânske provinsje Noard-Hollân en dat earne oan dizze kant fan de Elbe de hast mytyske Strânfriezen wennen, dy’t – dat moat sa sydlings opmurken wurde – lange tiid ferkeard as Noard-Friezen beskôge waarden. Wy geane der no fan út dat yn dat âldere bûn fan de Opstalsbeam yn de praktyk allinnich de Seelannen tusken de Lauwers (dus net de Rekere) yn it westen en de Wezer (dus net de Elbe) yn it easten, behelle wiene, dus fan de Ommelannen oant en mei Riustringen.

Nij libben foar it bûn fan de Opstalsbeam

En no werom nei it jier 1323, it jier fan it fannijs oplibjen fan it Opstalsbeambûn. It earste Seelân, fan de Rekere oant de Sudersee, wie ûnderwilens al it slachtoffer wurden fan in lânshear, de greve fan Hollân. Twa jier letter naam de Hollânske greve eigenmachtich de oanfoljende titel ‘Hear fan Fryslân’ oan, wat foar ‘t neiste in program foar de takomst befette. En yndied begûn er doe it meast westlik oerbleaune Seelân, Westergoa, dat oan de Sudersee grinzget, te bedriigjen.

⁴ Ek wol ‘Kerelopstand’ neamd, dy’t fan 1323 oant 1328 duorre.

⁵ In oersetting fan it Latynske ‘universitates terrarum’ of ‘communitates terrarum’.

⁶ Sjoch foar de krekte werjefte fan de *Oerkerren*: Oebele Vries, *Asega, is het dingtijd? De hoogtepunten van de Oudfriese tekstoverlevering* (met medewerking van Dieneke Hempenius-van Dijk), Leeuwarden/Utrecht: Steven Sterk, 2007, s. 114-115 (hdst. 7).

En net sûnder sukses, want yn 1310 wist er Westergoa te ûnderwerpen en troch de rjochters en gemeenten fan dat Seelân erkend te wurden as har hear.

It stribjen fan dy nije hear om fuortdaliks feodale omstannichheden yn Westergoa te skeppen, befoel de minsken yn Westergoa alhiel net. En dus namen de rjochters en de geastliken fan Westergoa it inisjatyf om it bûn fan de Opstalsbeam te reaktivearjen om sadwaande stipe te krijen fan de noch frije Seelannen yn de striid tsjin de greve. Om dat te berikken moast it Opstalsbeambûn nei sa'n 75 jier wer nij libben ynblaasd wurde.

En sa barde it, op 18 septimber 1323. Dat wie dus net op Pinkstertiisdei – dy foel dat jier op 17 maaie. Wêrom net? Neffens de histoarikus Ubbo Emmius wie de oanlieding it feit dat de fertsjintwurdigers fan de Seelannen op de tiisdeis nei de Pinkster noch net ta in akkoart komme koene en dat se dêrom fjouwer moanne letter, yn septimber, foar in twadde kear gearkamen by de Opstalsbeam.

Wilkerren fan de Opstalsbeam

Lit ús it no hawwe oer de saneamde *wilkerren* (Holl.: willekeuren) fan de Opstalsbeam⁷ dy't doe fêstlein binne, oftewol septimber 1323, mei-inoar 36 kêsten (artikels), of neffens in koartere ferzje 24. Dy wilkerren waarden letter wol 'wetten' neamd, mar eins is dy term minder korrekt. En it moat ek opmurken wurde dat it ûntwerp fan de wilkerren, sa't bliken docht út de formulearring fan ferskate kêsten, fan Westerlauwersk-Fryske orizjine is. Dat bewiist dat it de lju út Westergoa wiene dy't ferantwurdlik steld wurde kinne foar it wer oplibjen fan it bûn fan de Opstalsbeam.

Wat daliks opfalt, is it twadde kêst. Dêr stiet hiel dúdlik yn dat de Seelannen har ynspanne moatte foar ûnderlinge help tsjin eltse lânshear dy't ien fan de Seelannen skea tabringe wol, mei de ferklearring dat it der net ta docht oft dat no in greve of in biskop is. Dan moatte alle Seelannen dy hear mei-inoar bestride en de frijheid beskermje, mei ried en mei died, mei liif en mei goed. Dat is dúdlik in oanpassing fan it twadde fan de âlde oerkerren, yn in mear eigentiidske foarm. De súdlike ridders en noardlike Wytsingen wurde hjir, lykas yn it twadde oerkêst, net mear yn neamd. Nee, de fijannen fan bûten binne de lânshearen en dat wurdt net mear oantsjut yn poëtyske termen, mar mei in dúdlike oantsjutting.

It tredde oerkêst, dêr't de Seelannen har yn ferbûn hie-

ne om rjocht en oarder te hanthavenjen as der yn in Seelân anargy drige, waard ek oan fêstholden, mar yn in wat swakkere foarm. Yn it nije (alfde) kêst stiet dat yn de Seelannen de frede ivich bewarre bliuwe sil en as it dochs ta in iepentlike striid of in skeel komme soe, de rjochters fan de Opstalsbeam dan de plicht hawwe om it skeel te (fer)sûnjen of dêr rjocht oer te sprekken.

Fierders is ek it 24^{ste} kêst nijsgjirrich foar ús. Dêr stiet dat eltse rjochter fan de Opstalsbeam mei de Peaske nei de Opstalsbeam komme moast, dus sân wike foar de tiisdeis nei de Pinkster, en dat dy rjochters dan har bêst dwaan moatte om de frede te bewarjen. Ik lûk dêr de konklúzje út dat dy tiisdeis, nei't ek de oare dielnimmers oan de Opstalsbeam oankommen wiene, de nije rjochten bepraat en almeast ek oannommen waarden.

'Land of the free'

Ik sil hjir net yngean op de aktiviteiten nei 1323 fan it wer oplibbe bûn fan de Opstalsbeam. Ik stel allinnich fêst dat dy fernijde alliânsje ek jammerdearlik mislearre. En dat al nei mar fjouwer of fiif jier. Al gau die bliken dat de oare Seelannen sa benaud wiene foar de greve fan Hollân, dat se har weromloeken út it bûn. In tryst ein! Dochs doarsten de Friezen út Westergoa in pear jier letter de huldiging fan de nije greve fan Hollân te wegerjen, en – wat noch mear seit – doe't dy greve yn 1345 Westergoa binnen foel mei in machtich leger fan ridders, fersloegen se him yn in grutte fjildslach, en ek noch wol sûnder de help fan de East-Friezen! Is de koarte oplibbing fan it Opstalsbeambûn krekt 700 jier lyn no noch wichtich foar ús? Yn wêzen lit it allinnich mar sjen dat de Friezen net by steat wiene om in beskate foarm fan gearwurking yn stân te hâlden en fierder te ûntwikkelen. Dochs achtsje ik it wichtiger dat yn it Opstalsbeambûn, likegoed it âldere as it wer ta nij libbene brochte, it midsiuwske Fryslân him manifestearre as in 'land of the free', as in lân fan frije minsken. Dêr kinne de Friezen fan 2023 grutsk op wêze. Hoe primityf en breklik oft dy midsiuwske frijheid yn 'e praktyk ek wie.

Foar ús tiid ferbyn ik it frijheidsbegryp benammen mei ús demokratyske ynstelling. Hjoed-de-dei soe sa'n demokratyske ynstelling de foarste en wichtichste 'oerkêst' fan de Friezen wêze moatte; in wier demokratyske ynstelling, net allinnich as wat spesifyks fan Fryslân en de Friezen, mar as wat universeels.

Tige tank, weest bedankt.

** Dr. Oebele Vries (Westergeast 1947) is histoarikus en filolooch en wurke by de RUG (Grins; 1978-2012). Vries*



Dr. Oebele Vries (lofts) mei André Freimuth (rjochts) foar de piramide fan de Opstalsbeam (te Rahe by Au[w]erk/Aurich, 30 maaie 2023; foto: André Freimuth).

publisearret benammen oer Fryske skiednis, *Âldfryske filology en Fryske taalskiednis en wurke mei oan de kanon fan de Fryske skiednis* (2008). Hy promovearre op Het Heilige Roomse Rijk en de Friese vrijheid (diss. 1986). In wichtich artikel fan syn hân ferskynde yn 2015: Vries, O. (2015): [Frisonica libertas: Frian freedom as an instance of medieval liberty](#), *Journal of Medieval History*, 41, 229-248. *Dêr hawwe wy om-tinken oan jûn yn Nij Frisia* (nû. 2, 2017, s. 8-11) ûnder de titel: 'Frisonica libertas: Fryske frijdom as in eksimpl fan midsiuwske frijheid': <http://ffu-fri.eu/PDF/nijfrisia2-17.compressed.pdf>. Vries is sûnt 2014 gastûndersiker (honorary research fellow) by de Fryske Akademy.⁸



⁷ Sjoch foar de krekte werjefte fan de *Wilkerren fan de Opstalsbeam* Oebele Vries, *Asega, is het dingtijd? De hoogtepunten van de Oudfriese tekstoverlevering* (met medewerking van Die-neke Hempenius-van Dijk), Leeuwarden/Utrecht: Steven Sterk, 2007, s. 118-127 (hdst. 8).

⁸ Klik op: <https://www.fryske-akademy.nl/nl/over-ons/medewerkers/medewerkerspagina/news/detail/ovries/>.

Boarne: NRC, freed 19-01-2024, s. 18, *Opinie: 'Beskermje it Frysk ear[t] it net mear is as in sprektaal'*. Foar it neist it earste kommentaar fan de haadredaksje yn it Frysk.



Kommentaar

FRYSKE TAAL

Beskermje it Frysk ear it net mear is as in sprektaal

Der feroaret wat yn Fryslân, minsken, en as der neat feroaret yn Fryslân, dan is der oer fyftich jier gjin Fryslân mear!" Mei dy wurden spruts Jan Piebenga, haadredakteur fan de *Ljouwerter Krante*, essayist en Twadde Keamerlid, 73 jier lyn in demonstraasje ta.

Hy wie net de iennichste yn Fryslân dy't, op 16 novimber 1951, yn opstân kaam nei't in rjochter wegere hie in feedokter yn syn eigen taal oan te hearren. Yn in haadartikel yn de *Fryske Koerier* fergelike Fedde Schurer de rjochter mei in midsiuske binde fan plonderjende soldaten. Dat rûn derop út dat er oanklage waard foar opsetlike mislediging.

Kneppelfreed hat fertuten dien. It Frysk is yn 2024 in offisjele nasjonale taal. Wa't soks mar wol kin in juridyske striid yn it Frysk fiere. Kin ûnderwiis yn it Frysk krije. De dokter yn it Frysk om rie freegie. Mear as in jier lyn debatearre de Twadde Keamer foar it earst yn har skiednis yn de Fryske taal. En yn novimber hat in rekord tal Keamerleden (fiif) de eed yn it Frysk ôflein.

Mar de warskôging fan Piebenga jildt noch altyd. It Frysk stiet as kultuertaal faai en driget in sprektaal te wurden dy't hieltyd minder lêzen, skreaun en bestudearre wurdt. Ientalige Friezen besteane der fansels al twa ieuwen net mear, mar de komst fan Hollanners soarget derfoar dat yn guon streken fan Fryslân ek de twatwataligens ôfnimt. En dan is der ek noch de 'ynterferinsje', de ynfloed fan it Nederlânsk op it Frysk.

In goede grammatika, wurdskat en sinsstruktuer binne ûnmisber foar it behâld fan in taal

Sprektaal is lykwols net it fûnemint ûnder in taal. Skriuwtal is dat wol: in goede grammatika, wurdskat en sinsstruktuer binne ûnmisber foar it behâld fan in taal. Undersyk dêroer, troch betûfte promovendi dy't like betûfte learkrêften ynspirearre kinne, bliuwt wichtich.

It rapport fan de Keninklike Nederlânske Akademy fan Wittenskippen (KNAW) fan hokkerwyks stelt fêst dat it tal universitêr oplate Frisisten ôfnimt en dat soks planút soarchlik is. Der bestiet gjin folsleine stúdzje Frysk mear, en oan de Ryksuniversiteit Grins (RUG) is de foltiids-heechlearaar opfolge troch in tydlike dieltiids-heechlearaar. De KNAW fynt dat it Ryk it wittenskiplik ûndersyk yn feilichheid bringe moat.

Under druk fan it oerheidsbelied binne universiteiten ôfjage rekke op finansjeel rendiment. Lytse opliedingen mei te min studinten om persoanlik betelje te kinnen, krije oplein om yn it gruttere gehiel op te gean. Frysk is sadwaande oan de RUG in karfak wurden binnen de bacheloropleiding Minorities & Multilingualism.

En dat wylst in Keamermoasje yn 2022 it kabinet oprôp om it wittenskiplik ûnderwiis juridysk te ferankern. En Nederlân him boppedat ferplichte hat om it Frysk te beskermjen. In nasjonale Rykstaal mei gjin sprektaal wurde. De „kultuer en ekonomy hawwe ferlet fan taal- en kommunikaasjesaakkundigen yn de soarch, (literêre) sjoernalisten en kompjûterlinguïsten mei spesifike kennis" fan de taal. „Sûnder sokke saakkundigen is der nimmen om de minsken weiwis te meitsjen oer it doe en no fan har eigen kultuer, of om advys te jaan oer begryplik en tagonklik taalgebrûk."

Dat binne net de wurden fan de KNAW oer it Frysk, mar oer it Nederlânsk. Want wa't tinkt dat de niisneamde soargen bûten Fryslân net relevant binne, foar it Nederlânsk driget in te ferlykjen lot. It tal akademysk oplate studinten is yn de ôfrûne tsien jier mei 68 prosint sakke, nei 160 earstejersstudinten yn 2021.

In maatskippij sûnder kennis fan de eigen taal, en dêrmei fan de eigen kultuer, is in earne maatskippij. Taligens telt.

En Nederlânske vertaling is te vinden op nrc.nl

Lêzing dr. Arjen Dijkstra foar de International Friesland Day yn Emden op 25 nov. 2023



Dr. Arjen Dijkstra fan Tresoar oan it wurd op de International Friesland Day yn Emden: mear gearwurking is winsklik (25-11-2023, foto: André Freimuth).

Yn Nij Frisia (nû. 4, 2023) hawwe wy omtinken jûn oan de tige slagge earste ynternasjonale Fryslân-dei dy't yn Emden (East-Fryslân/Ostfriesland, Dsl.) troch André Freimuth organisearre waard.¹ Der wie ek in delegaasje fan de Jongfryske Mienskip by oanwêzich. Ien fan de sprekkers dêre wie dr. Arjen Dijkstra (1979) sûnt oktober 2022 de nije direkteur fan it Frysk histoarysk en letterkundich sintrum Tresoar yn Ljouwert. Wy litte hjirûnder syn nijsgjirrige en tige relevante tapraak folgje. Dy wie yn it Dútsk, mar is mei tastimming fan Dijkstra foar Nij Frisia troch Sytze T. Hiemstra oerset yn it Westerlauwerske Frysk en dy hat ek de noaten tabeakke.

Dr. Arjen Dijkstra: Tresoar, in wichtich argyf foar ús taal en skiednis

Tresoar is dé bibleteek, it argyf en it literatuermuseum fan it hjoeddeiske Fryslân, yn Nederlân. Wy hawwe hast 35 kilometer oan argiven en boeken, wêrûnder mear as

ien miljoen boeken. Wy hâlde hast alle wichtige literêre argiven op it mêd fan de Fryske taal by. Wy biede de mooglikheid om in protte ynformaasje yn gearhing te bestudearjen.²

Ein 2022 waard de *Richthofenkolleksje* fan Tresoar troch UNESCO erkend as 'Memory of the World'. Dy spesjale kolleksje helpt ús om de skiednis fan 'e minskheid te begripen, sa melde UNESCO Nederlân doe't dat takend waard. My tinkt dat wy dêrnjonken ek in goed begryp krije kinne fan it ferline fan Fryslân en fan de lange skiednis fan ús omgong mei dat oare UNESCO-erfgoed: it Waad (de Waadsee).

De Richthofenkolleksje en oare rjochtsteksten fan de 'seelannen'.

Wat is de Richthofenkolleksje? Dat binne tsien hân-skriften mei âlde wetten en regels. Dat klinkt faaks drûch, mar dat is it net. De teksten binne ornaris skreaun yn in libbene taal en geane oer it libben fan ech-

te minsken. Der steane hertferskuorrende fragminten yn oer wat in mem mei de erfenis fan har bern dwaan mei as har man ferstoarn is ('It heiteleaze bern'). Der binne moaie sinnen te finen oer de ivichheid ('salang't de wyn fan de wolken waait'). En dêr steane dúdlike regels yn oer hoe't minsken by it Waad mei-inoar libje moatte.

Alle teksten binne skreaun yn it tiidrek fan de trettjinde oant de sechtjinde iuw. Se waarden makke troch muontsen en amtneren. Dy hawwe se nochris oerskreaun en gearstald út folle âldere boarnen dy't werom te lieden binne ta de njoggende iuw. It giet dus om mear as tûzen jier skiednis, mar om in ferline dat noch altyd sizzenkrêft hat.

Dat komt omdat de rjochtsteksten it deistich libben beskriuwe. Se joegen hâldfêst yn in tiid dat in protte dingen hurd feroaren. En de rjochtsregels ûntstiene krekt yn tiden dat der gâns feroare, as der nije hearskers kamen of de grinzen ferskoden. Dat binne dus teksten oer it gewoane libben en oer grutte feroarings.

De wetten dy't opskreaun waarden, hiene rjochtskrêft yn it lân by it Waad lâns. Dêr hearre de gebieten by dêr't no Fryslân en Grinslân en it Dútske East-Fryslân lizze. It Waad wie in wichtige libbensier, joech kânsen en libben. Mar de see foarme ek in grutte bedriging. As it waar en it tij ûngeunstich wiene, koe it de dea bringe, troch oerstreamings, troch skippen dy't fergiene, of omdat de Wytsingen (Noarmannen) oer de see kamen.

Seelannen

Om mei elkoar by it Waad libje te kinnen, sleaten de ynwenners ferbûnen, sa leare wy ûnder oare út de Richthofenkolleksje. Hja neamden har gebieten de 'seelannen', om't de see de mienskiplike neamer wie.³ As ien fan dy gebieten oanfallen waard, wie it in oanfal op alle seelannen. It is in prinsipe dat wy hjoed-de-dei noch kenne út bygelyks kêst 5 fan de NAFO. Mar wy fine yn de kolleksje ek dat ynwenners frijsteld wurde koene fan guon ferplichtings. Sa wie in Fries op in stuit yn de skiednis ferplichte om in part fan syn tiid op hearfeart (kriichstocht) te gean as tsjinst oan syn hear. Mar hy hoegde net fierder te gean as de Wezer (Weser) oan de eastkant, of it Fly oan de westkant, sadat er it lân altyd beskermje koe tsjin de see en de Wytsingen ('Vikingen'): *'[T]bet fresan ni thuren nene here ferd firra sa aster tore wisere and wester to tha fli, be thiu thet hia hira lond bihelde wither thet bef and wither there bethena here'* ([D]at de Friezen net fierder op hearfeart hoegde te gean as eastlik oant de Wezer en west-

SATURDAY 25 NOVEMBER 2023

INTERNATIONAL FRIESLAND DAY

A cultural exchange between people of Nord-, West- and Ostfriesland and Friezen-om-ûstens, to highlighting history, dialog about the future, collaboration and cultural connections.

Chairman Rikus Jager
Presentations from:

- Friesischer Verband für Naturschutz
- Dr. Arjan Dijkstra, Director of Treasurer
- Ethnologe Dr. Wolbert Smit
- West-Fries genootschap
- Dr. Arthur Stögmann Haus Liechtenstein
- Music from Ede Staal
- Live zoomcall with Illions Frisian community and more...

More information:
Join the FB group Das Historische Ostfriesland Day program 15 - 18 H: Tickets €10,00, max. 250 P
Evening entertainment 19H-21H Tickets €10,00
Organisator André Freimuth a.g.freimuth@gmail.com for tickets and sponsoring

25 NOVEMBER • 15H-21H
JOHANNES A LASCO BIBLIOTHEK EMDEN
(OST-FRIESLAND)

De oankundiging fan de ynternasjonale Fryslân-dei wie net allinnich yn it Platdútsk mar ek yn it Ingelsk (hjrbope).

lik oant it Fly, dat sy harren lân beskermje kinne tsjin de see en tsjin de heidske hearen [Wytsingen]).

Der binne ek regels foar diken en skipfeart, of hoe't de seelannen gearwurkje. De opkomst en ûndergong fan de Fryske frijheden hinget dêrmei gear. En wy leare ek wat oer de Fryske taal, hoe't dy opkaam en op guon plakken wer ferdwûn is.

Âldfrysk rjocht

De Âldfryske teksten waarden yn de lette Midsiuwen opskreaun yn it hiele Fryske gebiet. Dat binne de lannen dy't wy no de provinsje Fryslân, Grinslân of yn Dútslân Ostfriesland (EastFryslân) neame. Dat duorre oant de iermoderne perioade, dus nei 1500. Stadichoan

¹ Klik op *Nij Frisia* (nû. 4, winter, 2023, s. 26-28): http://ffu-frl.eu/PDF/231215-def.NF-IV-2023.wbst.%20FFU.compress_compressed.pdf.

² Klik ris op: <https://www.trezoar.frl/>.

³ Klik op: https://fy.wikipedia.org/wiki/S%C3%A2n_Seelannen.



waard it echte Âldfrysk yn guon gebieten ferfongen troch in foarm fan it Nedersaksysk, útsein yn it gewest dat wy no Fryslân neame. Dêr bleau, njonken it Mid-delnederlânsk, ek it Frysk bestean.⁴

Dy taalferoarings foelen gear mei grutte oare bewegings. Yn de jierren 1490 – wy tinke oan 1496 – waard foar it earst in boek yn it Frysk printe. Wer wiene dat de Âldfryske rjochtsteksten. It wie it begjin fan in grutte revolúsje: de boekdrukkeunst. Nea earder waard de yntellektuele wrâld sa sterk feroare as gefolch fan in technyske útfining.⁵

Sûnt 1517 feroare ek it leauwe yn de Fryske gebieten. Der wie net langer ién oerhearskjende tsjerke (yn al syn ferskiningsfoarmen). Der ûntstiene ferskillende konkurrearjende soarten fan leauwe dy't ek wer ferskillende boeken op 'e merk brochten. Hjir yn Emden waard fansels yn 1562 de ferneamde *Deux-Aesbibel* printe, in Nederlânske protestantske bibeloersetting dy't oant fier yn de santjinde iuw as de meast gesachhawwende beskôge wurde soe.⁶ Opfallend is dat der krekt yn de Fryske lannen in Bibel útkaam dy't fan grut belang wêze soe foar de ûntjouwing fan it Nederlânsk – want der bestiet gjin twivel oer dat de *Deux-Aesbibel* dat dien hat.

Yn 'e twadde helte fan 'e sechstjinde iuw feroaren de steatsrjochtlike ferhâldings wer. De lannen dêr't Âldfryske boeken ûntstien binne, dreauwen fier útinoar. West-Fryslân waard definityf Hollân, West[er]lauwersk Fryslân waard Fryslân, wylst de Ommelannen opgiene yn Stad en Lande en Ostfriesland net it achtste gewest fan de Republyk waard (dat waard oant fier yn de santjinde iuw wol besocht!). Om oer Nordfriesland mar te swijen. It iene Fryske lân krige in hear, it oare in Nassau.

Gysbert Japicx

It gie ek oeral oars mei de Fryske taal. Der ûnstie in aardich ferskaat en wy binne allegearre meislept troch de rin fan de skiednis. Yn West[er]lauwersk Fryslân, de hjoeddeiske provinsje Fryslân, ûntstie fan de santjinde iuw ôf de tradysje om ek proaza en poëzij yn it Frysk te skriuwen. It is in beheinde beweging, mar wol ien dy't sa út en troch ta grutte hichten rikt. De bekendste Fryske dichter is sûnder mis Gysbert Japicx. Hy skriuwt in stikmannich ferhalen en gedichten yn it Frysk op in bysûnder heech nivo. Syn iere wurk is boartlik en tagonklik, syn lettere wurk is tige artystyk en hat mear lagen. Hoewol't er net daliks in brede neifolging krige, hat er in protte sukses hân. Japicx syn wurken wurde lêzen, besprutsen en fannijs printe – en sadwaande is it West-lauwersk Frysk bewarre bleaun.⁷



Highlight: Die Waddenwichter, ein traditionsreicher Friesenchor aus der Nähe von Groningen in Holland

Foto: Markus Hibbeler

28.11.2023 - 16:19 Uhr

Emden - „Wir können anderen nur helfen, wenn wir selbst stark und gefestigt stehen - nach Friesenart.“

Samstagabend 19 Uhr. Emden ruft Emden.

Im Saal der berühmten „Johannes a Lasco“-Bibliothek hat die Stimmung ihren Höhepunkt erreicht. 250 stolze Friesen aus vier Regionen - von Föhr bis Texel in den Niederlanden - sind vor Ort in Ostfrieslands größter Stadt. Und die ist zum ersten internationalen Friesentag auch mit ihrem kleinen Ableger in Amerika per Live-Schalte verbunden.

Dêr falt noch wol wat mear oan 'sinding' te dwaan, want Grins leit fansels net yn 'Holland'!

It is ek wichtich dat Japicx in dúdlike relaasje hat mei it Âldfrysk; hy lient der wurden en konstruksjes út. Hy jout der sels ûnderwiis yn (tagelyk mei lessen yn it Frysk fan syn tiid), nammentlik oan de ferneamde filolooch Franciscus Junius, dy't dan yn Oxford omtinken freget foar it Frysk.


Ek yn de achttjinde iuw ûntstiet der in beskieden neifolging fan Japicx. Wichtiger is dat yn de Fryske lannen noch Frysk praat wurdt. Yn 'e Ommelannen en yn Ostfriesland is it in foarm fan it Leech- of Nedersaksysk wurden, mar westlik fan 'e Lauwers, de rivier dy't Fryslân skiedt fan Grinslân, is en bliuwt it Frysk 'Frysk' (lykas op guon oare plakken, as lytse enklaven, bûten dat gebiet).

Everwinus Wassenbergh, Petrus Wierdsma en Joast Hiddes Halbertsma

Sûnt de ein fan 'e achttjinde iuw, doe't it nasjonalisme oeral op 'e doar kloppe, kaam it Frysk ek op. De earste



De Richthofenkolleksje (foto: Tresoar).



Karl Freiherr von Richthofen (Damsdorf, 1811 – Damsdorf, 1888; foto: Tresoar).

heechlearaar Nederlânsk, Wassenbergh, wurdt beneamd oan de Universiteit fan Frjentsjer. Mar as heechlearaar hat er ek grutte belangstelling foar it Frysk. Der wurdt ûnderwilens rom omtinken jûn oan it Âldfrysk. Petrus Wierdsma, in Ljouwerter advokaat, begjint it te sammelen. Fan him kin streekrjocht in line lutsen wurde nei Joast Hiddes Halbertsma, dy't as 'Mister Fryslân' de taal yn de rin fan de njoggentjinde iuw sammelet, tagonklik makket en útjout. Foar it earst sûnt de Midsiuwen wurdt it Frysk yn Westerlauwersk Fryslân wer in skriuwtaal.⁸

Mar mei de opkomst fan dy nije skriuwkultuer gie de politike autonomy ferlern. Dat liek de Friezen net te dearen. Yn de foarm fan goedkeape printingen, moaie boeken en yngewikkelde ferhalen ûntstiet der sûnt de njoggentjinde iuw in rike literêre tradysje.

It giet ekonomysk net altyd goed mei de provinsje. Der is in soad earmoede, soms sels in tekoart oan iten. Der is sykte. De provinsje yndustrialisearret net gau, mar goedkeap wurk is der wol te finen.

Yntellektueel giet it wol goed, mar as Petrus Wierdsma syn samling Âldfryske teksten te keap oanbean wurdt, giet dy net nei it Fryske argyf – de Provinsjale Bibleteek is noch net oprjochte en der is gjin Fries mei genôch belangstelling en jild om de stikken te keapjen.

Karl von Richthofen

Der is wol in Dútske Freiherr: Karl von Richthofen.⁹ Hy is spesjalist yn it Âldgermaansk en Âldfrysk en keapt de hiele kolleksje op. Von Richthofen wennet fier bûten Fryslân, mar jout edysjes en stúdzjes út. It ferlies

fan de teksten makket it sadwaande mooglik om se tagonklik te meitsjen.

Hoewol't it tal Fryske publikaasjes groeit, der ynstellings oprjochte wurde en it Frysk hieltyd fierder emansipearret, koene de hânskripten net earder as yn 1922 fan de famylje weromkocht wurde. Dêr binne ek de ynvestearings fan 'e famylje Richthofen yn it Russyske spoar oan te tankjen.

En de hânskripten komme werom yn in folslein oare wrâld as dy't se ferlitten hawwe. Yn Fryslân is it argyf ûnderwilens profesjonalisearre en is der in grutte, wichtige biblioteek. Nei de Twadde Wrâldoarloch kaam der in literatuermuseum by. De trije ynstellingen waarden

⁴ Klik op: <https://fy.wikipedia.org/wiki/Aldfrysk>.

⁵ Klik op: <http://www.11en30.nu/de-kanon-finsters/it-ald-fryske-rjocht>.

⁶ Klik op: <https://nl.wikipedia.org/wiki/Deux-Aesbijbel>.

⁷ Klik op: <http://www.11en30.nu/de-canon-vensters/gysbert-japix>

en https://nl.wikipedia.org/wiki/Gysbert_Japix.

⁸ Klik ris op: https://www.wikidata.nl-nl.nina.az/Everwinus_Wassenbergh.html,

https://nl.wikipedia.org/wiki/Petrus_Wierdsma,

<http://www.11en30.nu/de-canon-vensters/joast-hiddes-halbertsma>.

⁹ Klik ek ris op: <https://www.richthofen.nl/verhaal>,
<https://www.richthofen.nl/educatie>

en <https://www.omropfryslan.nl/fy/nijs/1172778/fryslan-wol-unesco-memory-of-the-world-status-foar-midsiuwske-hanskriften>.

yn 2003 gearfoege ta ién *Tresoar*, de skatkeamer fan Fryslân.

Dêr sit in moaie les foar ús yn. Troch it omtinken fan yndividuën, oerheden en de maatskippij binne de tsien (tjige kwetsbere) hânskriften fan de Richthofenkolleksje oerlevere. Hûnderten jierren hawwe der minsken west dy't der goed op pasten, se beskermen, sadat se net ferlern gien binne. Tsjintwurdich lizze se yn it bêst befeilige part fan de depots fan *Tresoar*. Troch de UNESCO-status kinne wy der noch lang goed foar soargje.

Wrâlderfgoed

Dat jildt fansels net allinnich foar de histoaryske boarnen, mar moat ek jilde foar ús see dy't sûnt 2009 UNESCO-wrâlderfgoed is: de Waadsee. Krekt as de

Friezen foar ús moatte wy dêr goed foar soargje en der ferstannich mei omgean.

Lokkigernôch binne der mear Âldfryske boarnen. En it ferhaal fan de provinsje Fryslân is mar ien fan de Fryske ferhalen. Wy sille de kommende jierren ús bêst dwaan om alle Âldfryske hânskriften erkend te krijen as wrâlderfgoed – ek de stikken dy't hjir yn Emden, of yn Aurich, Parys en Oxford lizze.

Gearwurking is needaaklik

Mar sels dan sil it gewoan ien fan 'e lytse dingen wêze dy't wy dogge. Wy wolle graach oan dy reis begjinne, **mar dat dogge wy leaver net allinnich. Der is safolle moais om mei-inoar oer te praten!**

Wurdsiker (II)

Piter Dykstra

Yn it fjouwerkant dat hjirneft stiet, steane de wurden út it hjirnefolgjende rjochje:

utert,
stûf,
hert,
slome,
útstjoering,
twataligens,
bargedútsk,
apesnúf,
broek,
geef,
slachte (ek: geslacht, generaasje),
ekerje,
bôgje (in bôge beskriuwe),
memmetaal,
endemolsk,
oerdraun,
flotgerzen,
hys,
bôle,
stók,
frysk,
jin.

ú	y	n	e	z	r	e	g	t	o	l	f
n	t	k	s	y	r	f	n	e	f	b	s
u	l	s	o	t	b	e	k	g	a	e	n
a	s	s	t	ô	k	e	l	r	r	f	e
e	t	l	g	j	o	g	g	ô	ú	e	g
r	r	j	a	r	o	e	z	n	b	j	i
d	e	h	b	c	d	e	s	e	s	r	l
r	t	n	y	ú	h	e	r	t	r	e	a
e	u	n	t	s	p	t	û	i	e	k	t
o	i	s	i	a	t	f	e	s	n	e	a
j	k	s	l	o	m	e	d	n	e	g	w
j	e	l	a	a	t	e	m	m	e	m	t

De wurden kinne op acht ferskillende wizen foarkomme. Se kinne gewoan yn in rigel fan lofts nei rjochts printe wêze, mar ek wol fan rjochts nei lofts. Dy kinne dêrby yn in kolom fan boppen nei ûnderen stean of oarsom. En sa binne der diagonaal ek fjouwer mooglikheden. Sykje de wurden op en skras de letters dy't dy wurden foarmje, troch. De letters dy't dan oerbliuwe, foarmje yn de folchoarder sa't wy lêze de oplossing.

De measte wurden komme út de kolum fan Jaap Slager fan dit nûmer. De oplossing is in útdrukking dy't ek yn dyselde kolum foarkomt.

Kollum fan Jaap Slager (25)*

Endemolsk (II)

Fraach: Jaap hat it no oer de ynfloed fan it Hollânsk ... uhh, Nederlânsk op it Frysk, mar binne der ek foarbylden fan oarsom?

- Andert: Ik skriuw altyd fan 'gisteren', mar okkerwyks wie der in Amsterdamske útjouwer dy't dat yn in manuskript fan my feroare hie yn 'gister'. Moai, net? Boppedat skiede wy yn it Frysk alles wat skiedber is. Dat bart yn it Hollânsk folle minder. Mar in oare útjouwer hie myn 'Geen idee waarover het gaat!' feroare yn 'Geen idee waar het over gaat!' Mar, de ynfloed fan it Hollânsk op it Frysk is spitigernôch folle grutter.

- F: Hoe is ús memmetaal sa yn 'e flotgerzen rekke¹ neffens Jaap?

- A: Dat hat in assimilaasjeproses west.

- F: Hoe bedoelt Jaap dat?

- A: Libben guod past him oan oan syn fermidden. Doe't alles om ús foarâlden hinne noch Frysk wie, wie it net mear as logysk dat foar nije ferskynsels Fryske wurden en beskriuwings socht waarden. Harren om-en-by easke dat. Neam it groepswang om my. Ús ginneraasje en dy't nei ús kaam, dy't fan hûs út noch wol Frysk praten, waarden, sadree't wy bûtendoar kamen, bombardearre mei Hollânsk. Alle learstof op skoalle wie yn dy frjemde taal. Winkelpersoniel waard wat langer wat mear hjitten en praat Hollânsk. En thús wiene de krante en de útstjoerings op radio en tillefisy yn it ...

- F: Ja, ik haw al wol byld no.

- A: Dat de nije ginneraasje groeit op mei âldelju dy't '*heel blij*' binne dat it *luchtafweergeschut* derfoar soarge hat dat der fannacht yn *Utrecht* gjin deaden of *gewonden* fallen binne.' Ik neam mar wat. In libben organisme bliuwt troch seldieling by de tiid – âlde sellen stjerre ôf en dêr komme nije foar yn it plak. Mar as in taal hinnegiet en nim wurden foar nije ferskynsels út in oare taal wei oer, dan strûpt er der rillegau ûnder. It wurdt dan in deade taal.

- F: Is sa'n proses te kearen?

- A: No, net fan mij yn alle gefal. As ik besykje foar in akteweel ûnderwerp in Frysk wurd op te tinken, dan wurdt dat mar *overdreven* fûn – net oerdreaun, mar *overdreven* – want der is ommers al in geef *Endemolsk* wurd foar. Ik haw ris ekere² dat it in moai stik bûter yn 'e brij³ wêze soe, as inkeld de krantekoppen yn it Frysk wiene. Dat soe de minsken teminsten oanknooppunten jaan en besprek it barren fan 'e dei yn har memmetaal. Mar as de grutste kultuerdrager fan in lân skyt hat oan ús memmetaal, dan giet sa'n sprake stadich nei beppe kelder.⁴ 'Wij doen niets met het Fries, meneer Slager', skreau de Ljouwerter my goed tweintich jier lyn werom.



It Endemolsk by de Omrop docht jin bytiden sear oan de earen.

¹ Yn 'e flotgerzen reitsje: earm wurde. Flotgers is in plant út 'e gersfamylje.

- F: Mar wy hawwe no wol Fryske radio- en telefisyútstjoerings, Jaap.

- A: Dat is moai, ja. Mar as men nei it Frysk harket dat dêr bytiden praat wurdt, dan springe de triennen jin yn 'e broek.

- F: No net sa negatyf.

- A: Jan hat gelyk. It is goed bedoeld en hja binne op de goede wei.

- F: En Frysk op skoalle?

- A: Ik wit net oft it fak noch bestiet, mar by Maatskippijlear waarden by ús eartiids aktewele ûnderwerpen besprutsen. Dat fak – as it noch bestiet – soe dus perfoarst yn it Frysk jûn wurde moatte. Mei't de taal by de tiid bliuwt, sjuch? Dêrom net, as it goed sil, moatte alle fakken yn it Frysk jûn wurde.⁵



Ik nim ien op geef Frysk ... (foto: Jaap Slager).

- F: Ho efkes! As der guon bern yn 'e klasse sitte dy't it Frysk net ferstean of net lêze kinne?

- A: Bern sitte op skoalle om te learen. Of net? En fan twataligens is noch nea ien minder wurden. Sa net, om my mei der wol in oerke wyks oan it fak Hollânsk bestege wurde, hear. Allinnich sil it in hiele hys⁶ wurde om learkrêften te besetten dy't it Hollânsk noch master binne ... al stiet men op in dûbelde kâns yn Fryslân sels, wol my oan.

Endemolsk (III)

- Fraach: Hokker feroaringen yn it taalgebrûk waakse Jaap yn 'e eagen?⁷

- Andert: Och, de measte dingen feroarje ik my net om. Guon dingen steure my bytiden. Jan neamt no sels ien ...

- F: O?

- A: It Ingelsk is besibbe oan it Frysk. Dêrom hawwe in soad meartalsfoarmen dêr in *-s*. Dat ferskynsel sjucht men ek noch yn Grins, al wurdt dêr al hast fiifhûndert jier gjin Frysk mear praat. Mar men hat der yn ús memmetaal op it heden in aard fan⁸ en foarmje it meartal ek mei *-en* as it heal kin. Ik haw der grûtsjen fan heard⁹ dat soks dien wurdt mei't de bern makliker *Endemolsk* leare.

- F: *Mei't*? Neffens my is dat gjin Frysk. Neffens my bedoelt Jaap 'sadat'.

- A: Is dat sa? It soe kinne dat ik in gen fan in hantsjemier¹⁰ yn 'e bealch haw. Mar dêr neamt Jan alwer wat ...

- F: O?

- A: De Endemolske gesetheid¹¹ om in sin mei in ferhâldingswurd¹² te begjinnen. Soks wurdt yn it Frysk folle minder dien. Bywurdlike bepalings¹³ wurde bygelyks yn it Ingelsk ek net foaropskood.

- F: Mar wat as men dêr de klam op lizze wol?

- A: Dat soe kinne. Hat Jan dêr in foarbyld fan?

- F: Uhhh ... bygelyks op de fraach 'By hokker restaurant ha jim iten?' soe men anderje kinne: 'By de Sinees ha wy iten?'.

- A: Ja, sa! Ik soe lykwols de fraach al oars steld hawwe. ‘Hokker restaurant ha jim west?’. En it antwurd soe dan wêze kinne: ‘De Sinees ha wy by iten.’ Mar sokke dingen waakse my net yn ‘e eagen, hear. As men besiket om Frysk te praten en te skriuwen, fyn ik it al lang prachtich. It wurdt minder as men it *Endemolsk* as taal fan útgong nimt.

- F: Hat *Jaap* dêr in foarbyld fan?

- A: Immen lei my ris út dat it fan de Endemolske stavering ôfhinget oft men in ‘û’ of in ‘oe’ skriuwt.

- F: Dat is inkeld in ezelsbrechje, man!

- A: It kin as weetsje bedoeld wêze, mar it skuort net út¹⁴ dat de stavering fan guon wurden sûnt feroare is.

- F: Wat my opfalt, is dat Jaap syn stikjes nea ofte ninter in tomke krije.

- A: In tomke?

- F: In opstutsen tomke ... op FB. Jaap syn stikjes binne dochs faak op FB te finen?

- A: Is dat sa? Dat sil dan wol komme om’t net ien der wat oan fynt ...

- F: ... of se net iens lêst, bygelyks om’t se te dreech fûn wurde.

- A: Dat soe kinne. Ik skriuw om ‘e niget, net om’t in oar der wat fan fine moat. Men mist earst wat as it der net mear is. Alleast, sa gong my dat. Dat sil guon Friezen rjuchtallyk fergean, hoenear’t ús memmetaal der skielk net mear is.

* *Jaap Slager (Ljouwert, 1958) wennet yn Portugal en docht oersetwurk yn ûnderskate talen. Hy hat in grutte kennis fan it Fryske taaleigen, bebarsket it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk ek boppebêst en is aardich thús yn Gryksk en Latyn. Boppesteande kollums binne skreaun op 5 nov. (II) en 9 des. 2023 (III).*¹⁵ Sytze T. Hiemstra hat jitte inkelde taljochtsjende noaten tabeakke.

² *Ekerje of ikerje*: suggestjes nei foaren bringe by plannen.

³ *In stik bûter yn ‘e brij*: in tafaller, in bûtenkânske.

⁴ *Nei beppe kelder gean*: ferlern gean, sinke.

⁵ Sjoch ek www.ffu-frl.eu, bgl.: <http://ffu-frl.eu/PDF/181118Advisory.Committee.Framework.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf> (punt 3).

⁶ *In hiele/swiere hys wurde*: in hiele toer, dreech wurde.

⁷ *It groeit/waakst jin yn ‘e eagen*: men kriget der hieltyd mear lêst fan, men kin it net mear oansjen.

⁸ *In aard hawwe fan*: derop lykje dat.

⁹ *Ik haw (der) grûtsjen (fan) heard*: it geroft giet, ik haw fertellen heard.

¹⁰ *Hantsjemier*: Westfaalske arbeider dy’t him yn ‘e ûngetiid oan in boer ferhierde om te gersmeanen, poep, mier.

¹¹ *Gesetheid/gesettens*: eigenaardichheid, neffens in fêst patroan hannelje [wolle] by of yn beskate saken.

¹² *Ferbâldingswurd*: foarsetsel, preposysje.

¹³ *Bywurdlike bepaling*: ûnderskiedende ferklearring yn de taalkunde by in net-selsstannichheid.

¹⁴ *It skuort net út*: it is in feit, sa is ‘t mar krekt.

¹⁵ Kollum (24) oer *Endemolsk (I)* is te finen en oan te klikken yn *Nij Frisia*, nû. IV, 2023 (s. 29, 30): http://ffu-frl.eu/PDF/231215-def.NF-IV-2023.wbst.%20FFU.compress_compressed.pdf.



(1)



(2)



(3)



(4)



Byskriften:

- 1. René Oterdoom (foto: René Oterdoom, sj. s. 16).
- 2. Dr. Oebele Vries by de Opstalsbeam (foto: Sytze T. Hiemstra, 30 maaie 2023, sj. s. 20).
- 3. Dr. Jehannes Elzinga (sj. s. 14).
- 4. Dr. Oebele Vries (lofts) mei André Freimuth (rjochts) foar de piramide fan de Opstalsbeam (Rahe by Au[w]erk/Aurich, 30 maaie 2023; foto: André Freimuth, sj. s. 23).
- 5. Wapen fan de eardere gemeente Scharrel (sj. s. 18).
- 6. Fryske byldhaikû fan Henk Veenstra (sj. s. 14).
- 7. It Seelterfräiske Kulturhuus yn Schäddel (sj. s. 17).
- 8. Dr. Arjen Dijkstra fan Tresoar oan it wurd op de International Friesland Day yn Emden (foto: André Freimuth, sj. s. 24).



*út it djiptsjuster
opgeand nei it sinneljocht
leeljewyt iepen*

(6)



(8)



(7)

